

**KUIERJE MEI GOD**

**OER DE SLACHTE**



KUIERJE MEI GOD

OER DE SLACHTE

EINWURKSTIK

FAN DE OPLIEDING GEASTLIKE BEGELIEDING

TEOLOGYSK SEMINARIUM HYDEPARK / TITUS BRANDSMA YNSTITUT

TYTSJE HIBMA

WINSUM (FR)

JUNY 2008



## YNHALD

5	YNLIEDING
7	Tongersdei 24 april 2008 – in wei fan eangst en leafde
10	1. KUIERJE MEI GOD – DE GEASTLIKE WEI
13	Tiisdei 29 april 2008 – wêr komsto wei en fan wa bisto ien?
17	2. OMFOARMING YN SKEPPING – FOARME NEI IT BYLD FAN GOD
19	Tongersdei 8 maaie 2008 – it leaflike famke en it bange famke
22	3. OMFOARMING YN WERSKEPPING – OMKEAR
25	Tongersdei 15 maaie 2008 – de lytse hazze, de wylde goes en wjerkôgjende kij
29	4. OMFOARMING YN LYKFOARMICHHEID – FAN AUTONOMY NEI OERJEFTE
33	Tongersdei 22 maaie 2008 – bestille en bedimme
36	5. OMFOARMING YN LEAFDE – HOE HEECH EN DJIP SYN LEAFDE IS
40	Woansdei 28 maaie 2008 – iepengean foar de oerstreamende goedens
44	6. OMFOARMING YN HEARLIKHEID – LIBBEN FOARBY DE DEA
47	Tiisdei 3 juny 2008 – oant it boatsje losmakke wurdt
51	7. EVALUAASJE – ELK EIN IS IN BEGJIN
57	Literatuer



## YNLIEDING

### ***De tradysje fan de geastlike begelieding***

Dit skriuwen is myn einwurkstik fan de oplieding Geastlike Begelieding. Geastlike begelieding is tink ik sa âld as de minsken binne. Mar yn de kristlike gemeente begjint de tradysje fan de geastlike begelieding yn it fermidden fan de woastynfaars fan de tredde ieu ôf. Muontsen en monialen giene de woastyn fan Egypte, Syrië en Palestina yn, om harren libben hielendal ta te wijen oan God. Dêrby learden de jongeren fan de âlderen oer de wei dy't dêr te gean wie, de wei fan de minske mei God en de wei fan God mei de minske. Geastlike begelieding is it ûnderlinge petear op dy wei, oer it heimnis fan de moeting mei God yn ús bestean. In petear tusken minsken yn petear mei God. Fragen dy't dêrby hearre binne: 'Wa bin ik yn Gods eagen?' of 'Wat wurket God út yn myn libben?' of 'Wêrta ropt God my?' Fan dy fragen út kin it hiele bestean fan minsken, nei lichem en siel en geast, mei alle ljocht en tsjuster, goed en kwea, freugde en eangst, leauwen en twivel oan de oarder komme. De tradysje fan de geastlike begelieding is troch de ieuwen hinne benammen foarme troch grutte geastlike foargongers, yn kleastermienskippen en yn de wrâld fan de mystyk. Kaam yn de teology faak it petear óer God op it foarste plak, yn de geastlike begelieding stiet it petear méi God yn it midden.

### ***Myn wei nei de oplieding Geastlike Begelieding***

Sels kom ik út in (grifformearde) fermidden dêr't it heimnis fan de moeting mei God de grutte dragende krêft fan it bestean foarme. Mar betiden rekke de rykdom fan dy moeting méi God ek bedobbe ûnder de bouwurken fan ús minsklike tinken óer God. Ik bin teology studearjen gien, doe't der om my hinne noch folop striid wie oer de fraach oft in frou wol dûmny wurde mocht yn ús tsjerken. Ik keas foar de teology, net allinne om de rykdom fan it leauwen mei minsken te dielen, mar ek om in wei te finen yn de eangst en fragen dy't ferskûle sieten yn de oerlevere lear.

Ik haw studearre oan de Frije Universiteit yn Amsterdam. It byld dat ik dêrfan oerhâlden haw is, dat wy ek dêr benammen dwaande wiene mei de konstruksje of just it ôfbrekken fan dy minsklike bouwurken. Oandacht foar de moeting mei God wie der wol, mar ek dêr faak djip ferskûle. As bern fan de tiid gong ik dêr sels yn mei, mar tagelyk wie der it sykjen nei mear. By myn ôfstudearjen kaam ik - net by tafal tink ik - terjochte by de praktyske en de feministyske teology. Professor Fiset liet ús lêze oer spiritualiteit, û.o. it earste wurk fan Henri Nouwen. Hy hie it neist it agogysk momint ek oer it mystagogysk momint yn it wurk fan de pastor. Yn de begelieding fan minsken moast it ek gean om de begelieding yn it heimnis fan de moeting mei God. 'En hjir bid ik om: dat jimme leafde noch oerfloediger wurde mei troch kennis en alle goed oanfielen, om ûnderskiede te kinnen wêr't it om giet (Filippiërs 1: 9,10a)' is de tekst dy sûnt dy tiid mei my meigiet. Myn skripsje hie as titel 'Hielheid dy't genêst' en gong oer feministyske spiritualiteit yn it deistige libben. Ik learde - yn elts gefal yn teory - dat God folle mear is as de Grutte Baas dy't oardielet oer de minsken: in befrijende Geast, in Mem dy't treastet, in Heit dy't leafhat, in Paadwizer en Bûnsgenoat, Ljocht en Leafde. Ik learde - yn elts gefal yn teory - dat ik der wêze mocht, ek as frou, yn it ljocht fan Gods leafde.

Ik die - earder en letter - stapkes yn de rjochting fan evangelyske rûnten of kleastermienskippen, dêr't foar myn gefoel it petear mei God sterker ta utering kaam. Dochs wie ik sa ferwoartele yn de eigen tradysje, dat ik my dêr as gemeentelid en predikant yn it gemeentewurk bejoech en dêr ek in protte ferfolging yn fyn.

Mar it sykjen nei ferdjipping bleau, lofts en rjochts. Sa hiene wy yn de gemeente praatjûnen oer grutte geastlike foargongers, lykas Benediktus fan Nursia, Anna Maria fan Schurman en Dag Hammarskjöld. En wy besprutsen it boek 'Doelgericht leven' fan Rick Warren. Dêryn kaam nei foaren: 'Is der eat datsto hiel graach dwaan wolst? Dan is dat faaks ek wêr't God dy ta ropt.' Ik hie it boek fan Gideon van Dam lêzen oer geastlike begelieding en hie de oankundiging fan de oplieding Geastlike Begelieding sjoen. Dat wie wat ik hiel graach dwaan woe. En sa bin ik ta myn beslút kaam, om dizze oplieding te folgjen.

### ***Leauwen as in wei om te gean***

Yn de ôfrûne trije jier dat ik mei de oplieding dwaande wie, wie ik yn ús gemeente tagelyk belutsen by de Alpha-kursus. En sa learde ik ta myn ferwûndering fan twa kanten tagelyk dat it leauwen mear is as in hâldfêst op de achtergrûn, mear as kostbere bagaazje foar tiden fan need, mear as in paadwizer foar ús hâlden en dragen. Ik haw leard dat it leauwen in wei is om te gean, yn it spanningsfjild fan selshanthavening en oerjefte, sels it stjoer yn hannen hâlde of my oerjaan oan God. Ik haw leard dat wy net flechtsje moatte fan it praten méi God yn it praten óer God. Ik haw leard dat ús bestean en ús tsjerken net it measte baat hawwe by alle plannen dy't wy meitsje en útfiere, mar by de fraach wat God útwurket yn ús libben en hokker wei God mei ús gean wol. En dat learen giet troch, in libben lang.

### ***Rispinge yn in Fryske geast***

Dit einwurkstik is bedoeld as rispinge fan wat wy learden yn de oplieding. Dêrby woe ik graach wat dwaan mei Fryske spiritualiteit. Ein maart hiene wy in tsjerketsjinst hjir yn de omkriten mei as tema: 'Kuijerje mei God'. Wy seagen foarút nei de oankommende Slachtemaraton, dy't hjir sûnt 2000 elke fjouwer jier organisearre wurdt. Dat is in kuiertocht oer de 42 kilometer lange Slachtedyk, de âlde seewarring fan de Middelsee. Yn de tsjerketsjinst hiene wy fiif ûnderdielen: start (wêr komme jo wei en fan wa binne jo ien), de wrâld yn (oer bagaazje fan hûs út en paadwizers ûnderweis), skoft (oer rekreaasje en besinning), ûnderfiningen ûnderweis (oer hichte- en djiptepunten) en doel (wat hawwe jo berikt en wat wolle jo berikke). De assosjaasje mei wat wy yn de oplieding learden oer de tema's op de geastlike wei lei foar de hân. En sa kaam ik op it idee om foar dit wurkstik in kuiertocht oer de Slachte te kombinearjen mei de ferwurking fan wat wy opdiene yn de oplieding. Sadwaande wurdt dit dus net in wurkstik óer Fryske spiritualiteit, mar in utering fán Fryske spiritualiteit, fan myn Fryske komôf út, kuierjend oer de Slachte en skreaun yn de memmetaal.

### ***De opset fan it wurkstik***

Ik haw de Slachte ferdield yn sân etappes. Foar elke etappe wie der in tema om te oertinken, útwurke ta in haadstik fan dit wurkstik. Ik begjin mei in haadstik oer de geastlike wei en geastlike begelieding. Dan folgje fiif haadstikken oer de omfoarmingsmominten, de beweging op de geastlike wei, oardere nei de beskriuwing fan Kees Waaijman. Yn it lêste haadstik folget in evaluaasje. Achteroan stiet in list mei boeken en artikels dy't (wol of net direkt oanhelle) belangryk wiene by it ta stân kommen fan dit wurkstik.

Elk haadstik begjint mei in deiboek, dat ik ûnderweis skreaun haw. Ien fan de earste kolleezjeblokken gong oer de Belidenissen fan Augustinus, syn libbensferhaal opskreaun as ien lang gebed, ien lang petear mei God. Letter diene wy yn de oplieding in oefening: ynkeare ta dysels en dan trije kertier skriuwe oan God, sûnder de pinne fan papier te heljen. Mei dat skriuwen oan God bin ik trochgien. Skriuwendewei lear ik op 'e nij praten, mei God, mei mysels en de minsken om my hinne. Skriuwendewei lear ik foar it ljocht te kommen, lear ik - net allinnich yn teory mar ek yn de praktyk - dat ik libje mei yn de romte fan Gods leafde en fan de romte fan Gods leafde út. Skriuwendewei reitsje ik sa fan binnenút op in nije wize ferbûn mei God, mei mysels en de minsken om my hinne. Dat is in oefening dy't ik trochgeand nedich haw en dêrom wol ik dat ek foarm jaan yn dit wurkstik. Nei elk stikje deiboek folget in útwurking fan it tema, oangeande de geastlike wei, de geastlike begelieding en de wei dy't ik sels gean.

Noch in lytse taljochting by it skriuwen fan de namme fan God. Yn de nije Nederlânske bibeloersetting wurdt de Godsnamme JHWH (Ik bin) oersetten mei 'HEER', lykas men yn de Joadske tradysje de Godsnamme net útsprekt mar yn plak dêrfan 'Hear' lêst. Yn dy nije bibeloersetting wurde ek oare mooglikheden foar dy ferfanging neamd, bygelyks: Oanwêzige, Ivige, Iennige of Libbene. Skriuwendewei is my yn it Nederlânsk de namme 'Onuitsprekeljike' eigen wurden en yn it Frysk de namme 'Wêzer'. Sa lit ik it dus ek stean yn de deiboekfragminten yn dit wurkstik. En ik haw leard om 'do' te skriuwen oan God, net út in tekoart oan earbied mar út langstme nei in neiby kontakt.

Tongersdei 24 april 2008 – in wei fan eangst en leafde



Eangst... Wêzer, oan dy wol ik skriuwe, oer de wei fan eangst en leafde. Ik sit hjir oan de seedyk en sjoch út oer it waad. Alle kleuren griis binne om my hinne en op de dyk it griene gers. Ik hear it roppen fan de fûgels en yn de fierte klinkt it lûd fan in motor. Wêzer, hjir sit ik op de ierde, skepping fan dy, op de grins tusken wetter en lân. Do ropst my ta wêzen. Dy wol ik folgje. Fan mysels kin ik allinne mar eangstich om myn eigen ik hinne draaie. Mar asto my meinimst, Wêzer, giet der in wrâld oan ljocht en leafde iepen. Wêzer, kear my nei dy ta.

Ik gean op wei. Op de seedyk weidzje de skiep en rûkt it nei skiep. Op de Slachte rint in strânljip foar my út en fljucht dan nei it boulân oare kant de feart. De klok fan Easterbierrum liedt acht oere. It motorlûd blykt fan trekkers te kommen. Fjouwer trekkers sjoch ik om my hinne op it lân oan it wurk en yn de berm steane de earste pinksterblommen. Pinksterblommen, dy't ik eartiids socht op memmedei. En noch altyd dogge sy my tinken oan it feestlik sinneljocht op sa'n betide sneintemoarn.







De klok fan Seisbierrum slacht healwei njoggenen. Spitich, tink ik, dat ik net mear fûgels en har lûden ûnderskiede kin. En dochs kom ik noch ta in hiel oantal: de strânljip en de skries, de einen en de seefûgels, grutte ieldûkers yn 'e feart en twa kaën op de râne fan it boulân, swellen dy't elkoar achternei sitte en ja, ik sjoch him net mar ik hear de ljurk, it liet fan de ljurk.

Yn it súdeasten brekt de loft en in sulveren sinne komt sa no en dan troch de wolken. In nij stik lân, oare trekkers en oare fûgels. Ik stean no by it Wynpark de Bjirmen. Yn dit wide lân is der foar ús noch genôch iten en drinken en enerzjy. Mar hoe sil it komme mei de miljarden minsken yn 'e wrâld? It is in te grutte fraach foar my. Mar op myn wei, Wêzer, kin ik soarchsum omgean mei de minsken en mei de jeften fan dyn skepping.



Ik bin no op it oare ein fan it wynpark. It lûd fan de draaiende wjukken giet mei my mei. Tolve mûnen binne der en ien dêrfan stiet stil. Yn de feart sjoch ik wer oare fûgels, merkels dizze kear. En dêr is fansels ek noch it roppen fan de ljip. Foar my út draait in swiere dongynjektarmasine de dyk op. De dyk is smoarch, de rook fan de dong komt fan it lân op my ta. Dêr sil aansen it nije gewaaks út de grûn komme.



Grûnwurden, Wêzer, grûnwurden fan ús bestean. Grûnwurden fan ús moeting mei dy, mei elkoar, mei ússels, mei de skepping. Grûnwurden dy't ús ferbine: leafde, frede, rjocht. En hielens. Wêzer, hielens dy't ús genêst fan de skuorren yn ús bestean. En ljocht, Wêzer; op 'e nij komt de sinne troch de wolken en no fiel ik de waarmte. En tsjinoer dy grûnwurden de oare kant, Wêzer: de eangst, de ûnrêst, it ûnrjocht, de skuorren yn ús bestean, it tsjuster en de kjeld.

Yn dizze wrâld is in wei te gean mei dy, Wêzer, de wei út de eangst nei de leafde. In lange wei, troch it deistige libben. In wei fan sjen en hearren en fan opmerksum wurden, hoesto om ús hinne bist en yn ús wurkest, hoesto ús foar it ljocht ropst en ta ús doel bringst.

Getswerdersyl. Eartiids wie hjir in slûs, om it bûtenwetter ôf te fieren nei de see. Hjir krúst de Slachtedyk it paad fan de Alvestêdetocht. Yn 1841 is dizze slûs fernijd. Op de tinkstien stiet in J.A. Hibma neamd, ien fan de 'gecommitteerden uit onderhoudspligtigen'. Soe dat ek ien fan ús foarfaars wêze, tink ik dan?



Ik haw krekt by de nije Slachtebrêge west, oer de grutte dyk hinne. Se binne noch dwaande mei de op- en ôfrit. It is net te kearen, de drokte en it lawaai fan hjoed de dei yn dit lânskip. Hoe is dat te kombinearjen? De bouwurken fan minsken dy't ynbrekke yn de natuer, moai of ûnsjoch? Wy kinne net oars as leare te ûnderskieden, Wêzer, goed en kwea, wat opbout of ôfbrekt. En dyn goedens sykje en gewaarwurde, yn de wrâld om ús hinne en yn it wurk fan ús hannen.



Wêrom sa bang?

Wêrom sa bang,  
Wêzer?  
Bang foar de oar?  
Bang dat de oaren  
it mar neat fine,  
wa't ik bin  
en wat ik doch?  
Bang om te mislearjen?  
Bang om neat te wêzen  
yn de eagen fan in oar,  
yn de eagen fan my sels,  
yn dyn eagen?  
Bang  
om neat te wêzen?

Wêzer, op dizze wei wol ik oefenje om my ta te fertrouwen oan dy. My tafertrouwe oan dyn leafde en de eangst loslitte. Want allinne yn dy libje wy, bewege wy en besteane wy. Wêzer, lit my yn de romte fan dyn leafde stean, lit my byld fan dyn leafde wurde.

Wêzer, Geast, lit my drinke oan dyn streamen.  
Jezus, myn freon, wês it ljocht fan myn bestean.



## 1. KUIERJE MEI GOD - DE GEASTLIKE WEI

### *Leauwe is moeting*

Leauwe betsjut moeting. En moeting betsjut jin tafertrouwe oan elkoar. Leauwe is moeting tusken my en de oar, tusken dizze kant en de oare kant (hoe't ik dy oare kant ek sjoch), tusken minske en God. Yn dy moeting wurd ik yn beweging brocht, wurd ik foarme en omfoarme en kom ik ta myn doel. Bûten dy moeting soe ik neat wêze, want hoe kin ik bestean sûnder de oar, sûnder dy oare kant, sûnder God? Yn dizze moeting binne de Oar en de oar, God en meiminske ûnskiedber ferbûn, lykas Jezus yn it grutte gebod it leafhawwen fan God en de neiste ûnskiedber meiinoar ferbynt (Mattéus 22: 37-40).

### *Leauwe is yn beweging brocht wurde*

De moeting mei de Oar bringt my yn in spanningsfjild. De beweging yn dat spanningsfjild wurdt faak tekene mei it byld fan de geastlike wei, yn allerhanne godstsjinsten en libbensskôgingen. Men sprekt fan spiritualiteit as it giet oer it proses fan dy geastlike wei (spiritus is geast).

Leauwen is mear as it oanhingjen fan in lear of belidenis. 'Ik haw gjin lear, ik hâld in petear,' hat Martin Buber ienris skreaun (Dialogisch leven, 168). Leauwe is my oansprekke litte troch de oare kant, my roppe litte troch God en my tafertrouwe. Leauwe is yn beweging brocht wurde op de geastlike wei. Ik kin dêrby neffens tsjerkfaar Augustinus twa kanten út: my takeare nei God (conversio) of my ôfkeare fan God (aversio).

Jezus sei: 'dy't syn libben hâlde wol, dy sil it ferlieze, mar dy't syn libben ferlieze doar om My, dy sil it fine (Mattéus 16: 25)'. Ut mysels sit ik fêst oan myn eigen ik. Ik kin allinne om mysels hinne draaie, sykje nei selsbehâld, myn eigen ferhaal opbouwe oer doel en sin en ferfolging fan myn bestean. Mar ik kin my ek roppe litte troch de oare kant, ûntdekke hoe't God yn my oan it wurk is. As ik my oerjou oan God, dan wurd ik oer myn eigen grinzen hinne tild en wurd ik pas wa't ik yn wêzen bin, byld fan God.

### *Grûntrekken en grûnwurden*

Men kin trije grûntrekken ûnderskiede op de geastlike wei (Spiritualiteit, 13 e.f.). Der binne foarmen fan primordiale spiritualiteit, dy't gearhingje mei ús alledeiske bestean, ús bertegrûn, ús libbensrin en ús relaasjes (bgl. Friezen knibbelje allinne foar God). Fierder binne der skoallen fan spiritualiteit, dy't foarm krije yn allerhanne godstsjinstige en libbensbeskôglike tradysjes (bgl. ik bin grifformearde). En der binne tsjinbewegingen, foarmen fan spiritualiteit dy't ûntsteane op de brekflakken fan ús bestean tsjinoer de hearskjende oarder fan godstsjinst of kultuer (bgl. foar God binne wy allegearre gelyk).

Neist dy grûntrekken kin men ek grûnwurden ûnderskiede op de geastlike wei (Spiritualiteit, 313 e.f.). Se sprekke fan wat myn leauwen draacht, as tekens fan de werklikheid dêr't God my ta ropt en dêr't ik my nei rjochtsje wol. Leafde, frede en rjocht kinne sokke grûnwurden wêze. Of ienheid en freugde. It binne grûnwurden omdat se de djipste lagen reitsje, omdat jo der net fierder achter werom kinne. En it binne tagelyk paadwizers op de geastlike wei: fan eangst nei leafde, fan ferstruïing nei ienheid, fan ûnrjocht nei rjocht.

### *Wêr bringt de geastlike wei ús?*

Jezus sprekt oer it leafhawwen fan God 'mei dyn hiele hert, dyn hiele siel, dyn hiele ferstân, dyn hiele krêft (Markus 12: 30)'. De geastlike wei is net in wei yn heger sfearen. It is ús wei mei God, Gods wei mei ús, dêr't wy mei liif, siel en geast yn belutsen binne. De geastlike wei is ek net in paad fan A nei B. It is in proses dêr't wy yn foarme, omfoarme en ta ús doel brocht wurde. Troch de iuwen hinne hawwe minsken yn teology en dogmatyk besocht om in bepaalde oardering oan te jaan yn dat proses. Dy oardering moat foaral gjin flecht wurde út de werklike moeting, skriuwt Buber. De needbousels fan ús tinken meie nea yn it plak komme fan de libbene relaasje tusken de minske en God (Dialogisch leven, 86, 95). Tagelyk kinne wy net sûnder dy needbousels, om te ûnderskieden wat der yn de moeting fan God en minsken bart.

Skepping, ferlossing en hilliging binne fanâlds kearnwurden dêr't belidenis en dogmatyk de wei fan it leauwen mei tekenje. Lottering, ferljochting en folsleinens binne de kearnwurden dy't de mystike tradysje faak brûkt foar it proses fan de geastlike wei. Ellinde, ferlossing en tankberens binne de wurden dy't ik yn myn tradysje meikrigen haw fan de Heidelberger Kategismus. Yn al dy wurden klinke bibelferhalen en bibelske grûnwurden troch. Op allerhanne manieren ferwurdet de bibel it spanningsfjild, dêr't de relaasje mei God ús yn bringt: sûnde en gerjochtichheid, skuld en ferjouwing, slavernij en befrijing, ballingskip en weromkear, ferfrjemding en fersoening, fernedering en ferheging, tsjuster en ljocht, fertriet en freugde, eangst en leafde, de âlde mins en de nije mins, dea en libben. Yn al dy bewurdings binne de twa poalen fan it spanningsfjild te ûnderskieden. Keare wy ús ta nei God of bûge we ôf nei ússels? Jouwe wy ús oer oan God of wolle wy sels it stjoer yn hannen hâlde? Sykje wy heil, hielens, genêzing yn de leafde fan God of litte wy ús ferskuorre yn de striid om selsbehâld? God is ien en makket hiel en bout op, seit de bibel, en de tsjinstanner (satan), de duvel (de diabolos dy't útinoar smyt) ferstruit, ferskuort en brekt ôf.

Us geastlike wei is it proses fan it loslitten fan de ferskuorrrende en ferstruierende striid om selsbehâld en it tafertrouwen oan de genêzende, hiel en ien meitsjende leafde fan God. Twa oarderingen fan dat proses wol ik hjir yn it bysûnder neame, dy fan Willem fan Saint-Thierry (De Gulden Brief) en fan Kees Waaijman (Spiritualiteit, 452-479). Sy jouwe in helder sicht op it proses fan de geastlike wei en kinne sa helpe om ús yn de beweging fan de libbene relaasje mei God te bringen.

### ***De geastlike wei as slingertrep***

Yn syn Gouden Brief sprekt de midsieuske muonts Willem fan Saint-Thierry lykas Augustinus oer de takear nei God of de ôfkear fan God. Wy binne skepen nei Gods byld, om op God te lykjen (Genesis 1: 26). Ik kin my foegje nei dat byld en de logika fan God folgje, lykas de klaai him foeget nei de hân fan de pottebakker. Mar ik kin ek ôfbûge nei mysels en de logika fan myn liif folgje, de drang ta selsbehâld.

Willem ûnderskiedt trije stadia op de geastlike wei, mei elk wer in ferdieling yn begjin, fierder gean en folsleinens. Dy stadia binne net in graadmjitter fan 'hoefier oft wy binne', mar it binne aspekten fan de geastlike wei en mooglikheden fan geastlike groei. Yn elk stadium kinne wy groeie yn de beweging fan selsbehâld nei oerjefte oan God. Willem brûkt dêrby it byld fan in slingertrep of spiraal. De sirkelbeweging ferwiist nei de eigenheid fan in persoan (de eigen-aard-ichheden dy't men elke kear wer tsjinkomt) en de beweging omheech of de djippte yn ferwiist nei de groei. Wat fierder ik groeie yn dy spiraalbeweging, wat mear ik lear dat ik begjinner bliuw. As ik God yn it middelpunt hâld dan kin ik groeie, mar as ik om myn eigen ik hinne draaien gean dan flean ik út de bocht.

De trije stadia dy't Willem neamt as trije aspekten fan de geastlike wei binne ferbûn mei ús bestean nei liif en siel en geast: it sintúchlike bestean (ús deistich libben mei syn behoeften en langstme), it reedlike bestean (dat wy ús bewust wurde hoe't Gods hân yn ús wurket en ús libben foarm jout) en it geastlike bestean (dat wy ús meinimme litte yn de beweging fan God en ús ferlieze yn syn leafde). De leafde fan God is de motor dy't ús lûkt en driuwt op de geastlike wei, mei as kearside it leafdeslangstme dat God yn de wil fan minsken leit.

### ***Omfoarmingslagen op de geastlike wei***

De geastlike wei is in proses fan omfoarming yn de moeting mei God. Yn it spanningsfjild fan dy moeting binne der twa poalen: de selsbelutsenheid en de oerjefte. Ik set mysels yn it sintrum en foarmje myn eigen libbensprojekt of ik rjochtsje my op God en foegje my nei wat God útwurket yn myn libben. Waaijman ûnderskiedt yn dit omfoarmingsproses fiif lagen:

1. omfoarming yn skepping: ik wurd my bewust fan Gods foarmjende hân, Gods byld yn myn bestean,
2. omfoarming yn werskepping: ik wurd my bewust fan myn ferfoarming en sykje in wei werom nei God dy't my herfoarmje wol nei syn byld,
3. omfoarming yn lykfoarmigens: troch lykfoarmich te wurden oan in 'godminsklike' foarm (Kristus, de profeten, hilligen) foarmet God my wer nei syn oarspronklik byld,
4. omfoarming yn leafde: ik lit alles los en jou my oer oan Gods leafde; sa wurd ik wa't ik yn wêzen bin, byld fan God, spiegel fan Gods leafde,
5. omfoarming yn hearlikheid: de folsleine oerjefte oan God - net ik libje, mar God libbet yn my.

Waaijman sprekt yn ferbân mei de omfoarmingslagen oer de ynderlike logika fan de geastlike wei. Deselde logika is werom te finen yn de stadia fan Willem fan Saint-Thierry. In beweging fan bûtenkant nei binnenkant, fan selsbehâld nei oerjefte, fan behoefte nei langstme, fan bûn-wêzen nei frijheid, fan eangst nei leafde. It giet net om in soarte fan hiërargy of opklimmende rige, mar mear om fiif brillen dy't elk op harren wize sicht jouwe op de libbenswei fan minsken. Elke laach hat syn eigen oergongsmomint, it eigenlike omfoarmjende momint. Dizze fiif omfoarmingslagen binne de tema's fan de kommende haadstikken en sille dêr fierder besprutsen wurden.

### ***Geastlike begelieding***

Yn de ynlieding neamde ik geastlike begelieding in petear tusken minsken yn petear mei God. Tink oan it ferhaal fan de Emmaüsgongers (Lukas 24: 13-35). Twa minsken op de jûn fan Peaske yn petear oer de fragen fan harren libben en leauwen. Minsken dy't geandewei gewaarwurde dat de opstiene Hear mei harren meigiet en meidocht yn harren petear. En yn dy moeting blykt it perspektyf folslein om te kearen. Mismoedichheid makket plak foar baarnende herten, ûnbegryp makket plak foar ynsjoch, de eagen geane iepen en wanhoop feroaret yn fertrouwen. Sa kinne wy yn ús ûnderlinge moeting op de geastlike wei gewaarwurde dat God mei ús meigiet, dat wy binnenbrocht wurde yn it heimnis fan Gods oanwêzigheid yn ús bestean.

Lykas yn it proses fan de geastlike wei kinne wy ek yn it proses fan de geastlike begelieding bepaalde lagen of aspekten ûnderskiede. Margaret Guenther sprekt yn har boek 'Holy Listening' oer gastfrijheid, learaar en froedfrou wêzen. André Louf makket yn 'De genade kan meer' in soortgelikense ûnderskieding tusken de begeliedingsdialooch, de pedagogy en it geastlik heit en mem wêzen. Yn beide beskriuwings sit eat fan romte om te wêzen, help om de wei te finen en de berte fan nij libben. Yn myn eigen wurden beneam ik dy trije aspekten as: yn de romte fan Gods leafde stean, ûnderskiede wat God útwurket yn ús libben en jin tafertrouwe oan de beweging fan Gods Geast.

It gehiel fan dizze trije aspekten docht my tinken oan de stadia dy't Willem fan Saint-Thierry ûnderskiedt op de geastlike wei en dêrmei ek oan de ynderlike logika fan de omfoarmingslagen by Kees Waaijman. It is goed om dy relaasje te sjen. De geastlike wei en geastlike begelieding hawwe beide ek te krijen mei deselde beweging fan minsken yn de moeting mei God. Mar wy moatte net besykje de ûnderfining út de libbene moeting yn in systeem te twingen. Mei it byld fan de slingertrep kinne wy sizze dat yn elke rûngong elk aspekt fan de geastlike wei en de geastlike begelieding op in hiel eigen wize foarm krije kin, mei elke kear de mooglikheid fan groei en ferdjipping.

### ***It famke yn de tafelstoel***

Wêr begjint myn eigen geastlike wei? Myn earste oantinken is dat fan in lyts famke, noch yn de tafelstoel, en ien fan har âldere broers dy't jierdei is en kadootsjes krijt. It famke wol ek kadootsjes hawwe en begjint te seuren. Dan set heit har mei tafelstoel en al yn de skuorre. In begryplike reaksje fan in heit, wit ik, no't ik sels ûnderfining haw mei it grutbringen fan bern.

Ik kin dizze situaasje op ferskillende manieren besjen. Net foar neat neamt Johannes Cassianus, skriuwer oer it woastynlibben yn Egypte, ûnderskieding de heechste jefte fan de Geast (1 Korintiërs 12: 10). Jierren lang hat dit barren my oars neat sein as: do meist net seure, do meist dy net liede litte troch dyn begearte. Sa siet ik fêst yn myn eigen oardiel. Want ik wist dat ik wól seure woe, dat ik wol behoefte hie en wol oandacht nedich hie.

De slingertrep fan Willem fan Saint-Thierry leart my op de geastlike wei: ik mei der wêze, ek mei myn hiele deistige behoefte en langstme. En geandewei mei ik leare al dy behoefte los te litten, it stjoer út hannen te jaan en my oer te jaan oan God. En yn de geastlike begelieding lit ik my meinimme yn de romte fan Gods leafde. Dan sjoch ik by dat famke net allinne mar geseur en selsbelutsen begearte. Dan sjoch ik - just yn it 'geseur' - ek langstme yn dat famke, dy minsklike kearside fan Gods leafde dy't ús driuwt en lûkt. Langstme nei oandacht, langstme om der wêze te meien, langstme om yn leafde foar it ljocht sjoen te wurden, om te wurden wa't ik wêzenlik bin, byld fan God. Ik mei oannimme dat God myn freegjen gjin 'geseur' fynt. As ik de leafde fan God doar te ûntfangen, dan kin ik de eangst farre litte. Dan pas wurd ik ek echt frij fan myn selsbelutsenens en kin ik der yn de moeting echt wêze foar in oar, trochskinend wurde foar de leafde fan God.

Tiisdei 29 april 2008 – wêr komsto wei en fan wa bisto ien?

No is alles noch grizer as foarige wike en it reint. Ik sit ûnder de nije Slachtebrêge te skûljen. It iennige droege plakje yn de wide omkriten. Neist my raze de auto's op de grutte dyk en dêr tuskentroch hear ik noch in inkelde fûgel. En dochs, no't ik better sjoch, is de loft net sa egaal griis as ik tocht. Yn it easten is te sjen hoe't it sinneljocht troch de wolken komme wol. Mar it is noch kâld.



Op de middelbere skoalle spriek ús Dútske learares oer 'ein hartes Landschaft' en hja frege my nei in foarbyld. Hja woe hawwe dat ik Fryslân neame soe, mar ik - ferlegen famke - wegere. Fryslân wie foar my folle mear. Wy botsten enoarm, yndertiid, dy grutte frou en dat lytse famke. It die my sear en ik fielde my ûnmachtich. Jierren letter hearde ik nochris wer fan har. It wie dat hja sels in ein makke hie oan har libben. Unmacht, Wêzer. Wa is de minske en wat giet der yn har om? Hoe'n bytsje witte wy mar fan dy oare en fan wat hja nedich hat. Binne der noch wurden? Hoe kâld en griis de dei, wy binne yn dyn hân.



Ik bin yn Frjentsjer belâne. In grut stek kearde my op de Slachte. No sit ik op in bankje foar Grut Lankum. Hjir hat jierren lang ús muoike wenne. It is har namme dy't ik draach. Bytiden wie hja sa ûngelokkich, sa fol ûnrêst, dat it sels foar de omstanners mar min te fernearen wie. Mar bytiden koe hja ek sa genietsje - fan wat selskip, in moaie dei, in tochtsje mei de auto: no moatte wy efkes stil wêze, no moatte wy genietsje.

Wat is gelok, Wêzer? En wat ferbynt ús? Mei elkoar? En mei dy? It is yntusken droech wurden en in stik minder kâld, yn de lijte fan it park. It Filosofenpaad hjit it hjir, sjoch ik, as ik fierder rin en by de strjitwei kom.



Op Kiestersyl begjint it wer te reinen. Ik sykje nei in skûlplak ûnderweis, om wat skriuwe te kinnen, mar ik fyn it net. En ik bin te skiterich om ûnderdak te freegjen yn in skuorre op in boerehiem.



Yn de heechspanningsmêst strykt in ielgoes del. De ljippen, de skriezen en de strânljippen hawwe it drok. Ik hear ek noch in oar prachtich lûd, ik tink fan in tsjirk. En ticht by Sopsum is dêr op 'e nij de ljurk.

Yn de berm ûntjout him it piipkrûd. Yn de ûnderwâl steane de pinksterblommen, harren klokjes safolle mooglik nei ûnderen tsjin de rein. De hynstebloemen hâlde harren knoppen ticht. Mar de bûterblommen jouwe nearne om. Iepen en giel steane sy dêr te bloeien. Al moat ik earlik sizze dat guons harren kopke hingje litte yn de rein en yn de wyn. En ik? Ik tear de lêste flarden fan de paraplu op en jou my oer oan de rein.



No bin ik yn Achlum en haw in skûlplak fûn. Yn in finsternis fan de tsjerke. Sa kin men de Slachte ek besjen. Wêr is in skûlplak foar de rein? Ik haw ris nei Amsterdam west mei in groepke jongerein. En oan it ein fan de dei wisten wy krekt wêr't yn de binnenstêd de suertsje-automaten hongen. It is mar hoe't men de dingen besjocht. Wêr sykje ik nei? Wêr geane myn eagen nei út? Wat wol ik sjen?



Op de weromreis gean ik Achlum út lâns de eardere grifformearde tsjerke, oer de Muontsewei en de Ludingawei. Hjir earne moatte ieuwen ferlyn de muontsen fochten hawwe, dy fan it Aldekleaster Blomkamp neffens de regel fan Benediktus en dy fan Ludingatsjerke neffens de regel fan Augustinus. It wie de tiid fan Skieringers en Fetkeapers.

No rin ik hjir feilich en wol. It is wer droech wurden, de sinne skynt en ik haw de wyn yn de rêch.

Sneintejûn hawwe wy in film sjoen, oer it libben fan froulju ûnder de Taliban yn Afghanistan. In famke dat, as jonge ferklaaid, besiket de kost te fertsjinjen foar har mem, har beppe en harsels. Mar hja wurdt ûntdutsen en har leed is net te oersjen. En dan freegje ik my ôf: wat rin ik hjir myn tiid te fergriemen? Wêzer, wat is dyn wei mei ús?

Wêr komst do wei? En fan wa bisto ien? Dat binne de bekende fragen dy't yn dizze kontreien de moeting op gong bringe. Ik kom fan Swanwert, ûnder Wiuwert. En ik bin ien fan Douwe en Anna. Eartiids as bern, as wy ús namme en wenplak skriuwe moasten, dan gong dat betiden sa: Tytsje Hibma, Swanwert, Wiuwert, Baarderadiel, Fryslân, Nederlân, Europa, Wrâld, Hielal. Sa seagen wy ússels as bern, as middelpunt fan it hielal. Wy hawwe hâldfêst nedich, Wêzer, in feilich punt yn dizze wide wrâld. En wy sykje dat yn ússels. Ik sels yn it midden en om my hinne as it kin de feilige lagen fan famylje en omkriten. Sa sjongt men ek fan de seedyk: 'dêr't de dyk it lân omklammet, lyk in memme-earm har bern.'





Mar geandewei wurde wy gewaar, Wêzer, dat gjin dyk de lêste fragen keare kin. Wat jout ús wierliken hâldfêst? Wêrta binne wy op ierde? Wat is ús treast, yn libben en yn stjerren? Wat bliuwt der oerein yn de striid fan de muontsen? En wat te sizzen fan it famke yn Afghanistan? En wêrom gean ik hjir myn wei? It âlde sechje, Wêzer, seit fan dy en my en fan de oar: in mins moat bloeie dêr't God him siedde hat.

Werom  
op it bankje  
oan it Filosofenpaad

Underweis  
seach ik in narsis,  
Wêzer,  
in titelroas.  
Hy bloeide mar  
it moaiste wie der al ôf  
en hy stie dêr,  
allinnich,  
yn in berchje reiden en  
ôffal lâns de dyk,  
tsjinoer in póltsje piipkrûd,  
as seagen hja elkoarren oan.

Wêzer,  
as ik yn de spiegel sjoch  
en ik sjoch mysels dêr  
yn it middelpunt,  
dan sjoch ik net it moaiste,  
dan stean ik dêr,  
allinnich,  
en ik wit  
dat der in ein komt  
oan de bloei.

Mar  
sjoch ik  
mei dyn eagen,  
Wêzer,  
dan sjoch ik yn it hert.  
En dan wit ik,  
dat dyn byld dêr is,  
ûnfergonklik,  
datsto it midden bist  
fan myn bestean.

Wêzer,  
sjoch ús oan en  
lit ús bloeie yn dyn eagen.



## 2. OMFOARMING YN SKEPPING - FOARME NEI IT BYLD FAN GOD

### *Sit dêr mar ris skepen te wêzen!*

Op de geastlike wei wurde wy yn it spanningsfjild fan de moeting mei God yn beweging brocht, omfoarme. De útlis fan Waaijman oer de minsklike werklikheid as tselem (byld, skaad) fan God sprekt my tige oan (Spiritualiteit, 444). Fansels koe ik dy wurden út Genesis 1: 26 wol, dat wy skepen binne nei Gods byld, om op God te lykjen. Mar gean mar ris sitten en lit dat mar ris yn dy omgean, sit dêr mar ris skepsel te wêzen. Wês bliid datsto der samar wêze meist, soene jo dan betinke kinne. God hat syn byld yn ús lein, dat is de kostbere en ûnfergonklike kearn fan ús bestean. Yn djipste wêzen binne wy ferbûn mei God en roppen om op God te lykjen. Omfoarming yn skepping wol sizze, dat Gods skeppende hân ús foarmet, lykas in pottbakker de klaai foarmet. Sûnder Gods hân (yn ús en bûten ús) soene wy neat wêze, foarmleaze matearje. Yn de relaasje mei God wurde wy ús bewust dat wy út de hân fan God libje en út ússels neat binne. As ik as skaad losmakke waard fan God, dan soe der neat fan my oerbliuwe.

It moaie fan dizze útlis fyn ik dat hjir oandacht is foar ús hiele ierdske skepsel wêzen. Alles mei meidwaan. Sa hat God ús makke en sa meie wy der wêze. Sa meie wy ta ús doel komme, derfan genietsje hoe't God ús foarmet nei lichem, siel en geast. Dat is wat ek nei foaren komt by Willem fan Saint-Thierry yn syn stadia fan de geastlike wei. En hoe't alles ek ferfoarme reitsje mei, yn djipste wêzen binne wy byld fan God, roppen om op God te lykjen. Bysûnder fyn ik dat, dat sa'n midsieuske muonts ús just wer leare kin, dat wy sa yn ús hiele wêzen ta ús doel komme meie en freugde fine, nei lichem, siel en geast.

Moai fan dizze útlis - en fan omfoarming yn skepping as earste omfoarmingslaach - fyn ik ek dat mei it byld fan God as kearn alderearst de goede krêften yn ús oansprutsen wurde. Fan de Heidelberger Kategismus haw ik leard dat wy út ússels net by steat binne ta wat goeds en oerhingje nei alle kwea. Of wy moatte nij berne wurde troch de Geast fan God. Yn wêzen kin men hjiryn deselde útlis lêze as dy fan Waaijman. Mar yn de praktyk brocht it yn my in hiel oare beweging op gong. De Kategismus liet my yn myn ellinde mei feroardieljende eagen ôfsjen fan mysels: mei my is it allegearre neat, ik kin allinnich hoopje op de genede fan God. Mar de wurden fan Genesis 1 hawwe skeppingskrêft, bringe my just ta myn wêzen en yn dat wêzen by God. Ik mei wêze en wurde wat ik yn djipste wêzen bin: byld fan God.

### *Wêr komst do wei en fan wa bisto ien?*

Leauwen is mear as it oanhingjen fan in lear. Yn ús moeting mei God docht alles mei: ús lichem en siel en geast, de minsken en de wrâld om ús hinne, de ferwoarteling yn ús bestean. Wy kinne de primordiale trekken op de geastlike wei net ferjitte: ús alledeiske bestean, ús bertegrûn, ús libbensrin en ús relaasjes. Dat binne de dingen dy't ús tekenje. Sa leare wy elkoar kennen yn de moeting: wêr komst do wei en fan wa bisto ien? Sa foarmet Gods hân ús, sa sjocht God ús foar it ljocht, net as wrâldfrjemde minsken mar just midden yn dit bestean.

Waaijman neamt de siel (nefesj, psychè, anima) as omskriuwing fan ús minsklike werklikheid yn de moeting mei God (Spiritualiteit, 434-444). Jo soene sizze kinne: de siel is de beweechlike foarm fan it ik. De siel hat in lege binnenromte dy't op allerhanne manieren fold wurde kin en dy't God libben ynblaast mei syn azem (nesjama). En de siel hat in bûtenkant dy't yn de bibel 'fleis' neamd wurdt: de mins nei har of syn sosjale foarm, tekene troch famylje, besit, wurk en oare dingen. De siel is kwetsber. De siele is beweechlik en yn dy beweging te ferlykjen mei de geast (roeach, azem, hertstocht). Under druk fan bûten ôf kin de siele fan minsken ferhurdzje of kinne minsken lytsminsklik, lyts fan siele wurde.

Sûnder God binne wy neat, mar yn Gods hannen, yn Gods eagen wurde wy foarme, nei lichem, siel en geast. Mar fan it begjin ôf, fan Adam en Eva ôf is der ek de ferfoarming. Dat minsken har ôfkeare fan God en sels foarm jaan wolle oan harren bestean. Fan it begjin ôf binne der dêrom ek de skuorren yn ús bestean. Sels kinne wy dy net hielje. Wy fine allinnich mar heil, hielens en genêzing, yn Gods hannen, yn Gods eagen, yn Gods leafde.

### ***God yn my, ik yn God***

Is it dwaande wêzen mei de geastlike wei en geastlike begelieding eins net stikem in flecht út de hurde realiteit fan ús deistige bestean? It soe wêze kinne. Mei Cassianus kinne wy sizze dat ûnderskieding, ek wat dizze fraach oanbelanget, de belangrykste geastlike oefening bliuwt .

Ik bin rekke troch de Belidenissen fan tsjerkfaar Augustinus. Jierren en jierrenlang hat hy socht nei it doel en de sin, it gelok fan ús minsklike bestean. Wêr fine wy heil, wêr fine wy in antwurd op ús fragen, wêr fine wy God? Ta syn eigen ferwûndering ûntduts Augustinus dat God, al dy tiid dat hy bûten himsels oan it sykjen wie, al lang yn himsels oanwêzich wie. Mar tagelyk wie it ek omkeard: God wie net yn him - dêr wie God ommers fierstente grut foar - mar hy wie yn God. God yn my en ik yn God, dy belidenis dat blik gjin ynderlike flecht yn in wrâldfrjemd leauwen te wêzen, mar it begjin fan in ûnfoarstelber fruchtber bestean foar de minsken om him hinne.

Wat my ek rekket is hoe't Master Eckhart sprekt oer ús relaasje mei de trije-ienige God (Spiritualiteit als inzicht, 28 e.f.). De Heit is it oerstreamende libben (de bernjende), seit hy, de Soan is it oerstreamende libben (de berne) en de Geast is it weromstreamende libben (de werombernjende). Dit is it earste skeppingsmomint, binnen de ienheid fan God. It twadde skeppingsmomint is dat God de wrâld nei syn byld, nei it byld fan de Soan, nei bûten ta skept, yn de mearfâldichheid fan tiid en romte. De sûndefal bringt teweech dat minsken ferstruid en ferskuord reitsje yn dy mearfâldichheid. Mar troch Kristus ropt God yn ús syn byld foar it ljocht en bringt ús sa werom yn de ienheid fan God, yn de stream fan syn libben en syn leafde. De Geast wurdt yn ús fruchtber as werombernjende tankberens. Ek by Master Eckhart is dit net in wrâldfrjemd leauwen. Dizze bylden binne nau ferbûn mei syn útlis fan de moeting tusken Jezus, Maria en Marta (Lukas 10: 38-42). Dêrby stelt hy ús net Maria mar just Marta as foarbyld foar eagen. Maria ferliest harsels noch yn har behoefte om oan Jezus' fuotten te sitten en syn wurd yn te drinken. Mar Marta is by steat - just troch har ynderlike omfoarming yn de leafde fan Kristus - om no ek yn har eigen dwaan en litten dy leafde foarm te jaan. Master Eckhart konkludearret: 'Krekt as de hilligen hillich wurde, begjinne se deugdlik te wurkjen,'

Wy learden eartiids om net 'ik' te sizzen, om yn beskiedenheid ôf te sjen fan ússels en net tefolle mei ússels dwaande te wêzen. Dêr sit in protte goeds yn, benammen ek as tsjinbeweging yn in ik-tiidrek. Dochs is it belangryk om te sjen dat werklike omfoarming net kin sûnder de wei nei binnen. Om yn in moeting werklik útgean te kinnen nei de oar, moat men earst by jinsels west hawwe, by jinsels wêze (Dialogisch leven, 100). Jildt dat foar alle foarmen fan moeting, yn it bysûnder jildt dat wol foar de moeting yn de geastlike begelieding. As ik net sels de geastlike wei gean, net by mysels west haw, net by mysels bin, kin ik der ek net werklik wêze foar in oar. Allinnich as ik sels lear om yn de romte fan Gods leafde te stean, kin ik ek oaren gastfrij en ûnbekommere yn dy romte noegje. Allinnich as ik mysels omfoarmje en yn beweging sette litte wol, kin ik ek oaren begeliede yn in omfoarmingsproses.

### ***Kowebloemkes yn it hôf***


Ek hjir noch ien fan myn earste oantinkens dy't meigiet op de geastlike wei, as besef fan de kostberens fan alles wat libbet út Gods hân en bloeit yn Gods eagen. As lyts famke gong ik mei ús mem te wask ophingjen. It wie moai maitiidswaar en de kowebloemkes bloeiden yn it hôf. En ik soarge dat mem net op de kowebloemkes trape. Ik kin it net litte om hjir in liet oan te heljen fan Titus Brandsma: 'Fryslân, wêr myn Mem my widze, wêr as bern ik boarte ha, wêr 'k myn earste wurden útre, fan gjin lânsdou hâld ik sa!' En noch in sitaat, fan Thérèse fan Lisieux: 'En sa is it ek yn de wrâld fan de sielen, de tún fan Jezus. Hy hat grutte hilligen skeppe wollen dy't ferlike wurde kinne mei de leelje en de roazen, mar Hy hat ek lytse hilligen wollen. En dizze moatte der tefreden oer wêze kowebloemkes of fioeltsjes te wêzen, dy't God bliid meitsje as Er syn each nei ûnderen rjochtet. De folsleinens bestiet deryn Gods wil te dwaan, dyjinge te wêzen dy't hy wol dat wy binne (Mijn levensverhaal, 34-35).'

Hoe prachtich en hoe kwetsber is de skepping. Samar bloeie wy op 'en moaist - de blommen en de minsken - en samar reitsje wy ferwylge, ferachte of fertrape. En dan is dêr dy grutte fraach nei sin en doel fan dat fergonklike libben. Omfoarming yn skepping betsjut, dat wy ús op ús wei bewust wurde dat wy sûnder God neat binne. Al ús libben is libben út Gods hân en de freugde fan ús bestean is om te wurden en te wêzen wat God mei ús foar eagen hat, te bloeien dêr't God ús siedde hat.



'De maraton fan 't libben jachtet hjoed nei Payesyl.' It is in prachtige maaiedeien en fan Achlum út bin ik op Payesyl oankommen. Ik sit tsjin in pealtsje oan, dêr't dit gedicht fan Tine Bethlehem op stiet. It gedicht seit dat it hjir o sa stil wie. Mar niis wie it hjir in geweldich kabaal, om't in grutte keppel skiep krekt fuorre waard. No keart de rêst werom en sykje de skiep wer harren wei.

Unrêst, Wêzer. Unrêstich bliuwt ús hert, oant it rêst fynt yn dy, skriuwt Augustinus. Ik bin al in oere ûnderweis. Myn tinzen binne oeral en nearne west, mar rêst fûnen se net. No pas wurd ik stil, as de skiep om my hinne. Echt stil is it sels hjir net. Yn de fierte bliuwt der it lûd fan auto's en trekkers. Mar tichtby is der allinnich mar it lûd fan de wyn en fan it lange gers dat beweecht op de wyn. En fan de fûgels. En fan de weidzjende skiep.



De sinnestrielen hawwe krekt genôch krêft om my waarm te hâlden yn de noch kâlde noardeastewyn. 'Yn it ljocht wei wurde meie en liet wurde.' De dichtrigel, dy't Dag Hammarskjöld oanhelle oer de ljurk, dy giet al in skoft mei my mei. Hjoed is rûnom de ljurk te hearren. Sa gewoan is it, sa gewoan soe it wêze kinne om liet te wurden. En trije kear seach ik ûnderweis in hazze. In eangsthazze, seit men dan. En ja, as ik wat tichterby kom, draaft er hastich fuort. Mar de lêste leit rêstich yn it lân.

'Ora et labora' stiet der op it hûs hjir oan de Payesyl. Elke kear wer moat my dat te binnen brocht wurde, Wêzer. Elke kear op 'e nij moatsto myn tinzen rjochtsje, moat ik my troch dy byinoar fandelje litte. Om stil te wurden, om ta mysels te kommen, om ta dy te kommen. Allinnich sa kin ik frij wurde, frij fan mysels, frij foar dy, frij foar de oar. 'Myn maraton fan't libben jachte hjoed oant Payesyl', sa einiget it gedicht.

Der is ek in gedicht fan Inne de Jong oer de Ijerk. 'Peaske' hjit it en wy hawwe it Peaske neamde yn tsjerke songen. 'Do brune trûbadoer... sjong dat it Peaske Peaske is, dat hjoed Gods dei begjint.' Doe't ik wakker waard op Peaskemoarn, doe woe ik, Wêzer, dat de nije dei sûnder skuorren wêze soe. Mar sa wie it net, Wêzer.

Perfeksjonisme, Wêzer. It ûnrêstige sykjen nei de dei dat alles is sa as it wêze moat.

Mar dat is ommers just it heimnis fan dyn leafde, Wêzer. Datsto der bist yn de skuorren fan ús bestean. En ik wol alles mar glêd strike. En moai meitsje, op myn manier. En sa bliuwt der foar dy gjin plakje oer yn myn bestean.

Wêzer, lit my de skuorren by dy bringe. Myn ûnmacht om in perfekt mins te wêzen. Myn soarch om fan alles en elkenien. Myn ûnrêst omdat safolle net is sa as it wêze moat. Myn ûnfrede omdat ik yn alle drokte elke kear mar wer mysels kwytreitsje, dy kwytreitsje, Wêzer. En it besef, dat ik mei al myn gedraaf allinnich mar fierder fan hûs reitsje.

En hjir lis ik no, Wêzer, yn in hikkedaam tusken de hynstebloemen, út de wyn en yn de sinne, om út te rêsten en op te waarmjen. Ik wol myn libben iepen lizze foar dy, Wêzer.



As studintes feministyske teology hawwe wy ris it Lieteboek foar de tsjerken kritysk neisjoen op iensidich manlik taalgebrûk. Sûnt dy tiid giet der in fersrigel mei my mei: 'er voeren twee mannen strijd in mij.' Yn it Frysk binne it liuwen wurden, haw ik sjoen. Teresa fan Avila hat it ek oer de wylde dieren, Wêzer, as hja fertelt oer har wei nei dy ta yn de Ynderlike Boarch. Oan de râne fan de wei binne de wylde dieren, dy't my oanfjochtsje: de gaos, de eangst, de ûnrêst. De wylde dieren jeie my yn it harnas, slute my op. Se sizze dat it neat wurdich is mei my en dat sy my ferskuorre sille as ik foar it ljocht kom.



'Er voeren twee mannen strijd in mij.' Dat is in liet by Romeinen 7, dêr't Paulus seit: 'Want ik doch net wat ik graach wol, mar dêr't ik in ôfgriis fan haw, dát doch ik. () Want ik doch net it goede dat ik (dwaan) wol, mar it kweade dat ik net (dwaan) wol, dát doch ik (15,19).'

Yn my binne twa famkes, Wêzer,  
it leaflike famke en it bange famke, ik wit net fan hoe âld.  
It leaflike famke, dat wit ik, Wêzer, is dyn byld dat yn myn wêzen printe is.  
En it bange famke, dat moat fjochtsje mei de wylde dieren.  
Sûnder dy bin ik neat, Wêzer.  
Mar yn de romte fan dyn leafde kin ik it bange famke rêstich bystean yn de striid.  
En yn de romte fan dyn leafde kin ik it leaflike famke de romte jaan  
om te wurden wa't hja is, minske nei dyn byld.



### 3. OMFOARMING YN WERSKEPPING - OMKEAR

#### *Metamorfoaze yn de moeting mei God*

Ik fiel my opjage, troch fan alles en noch wat. Ik fiel my finzen, yn eangst en ûnrêst. Ik fiel my ûnmachtich, om alles wat net goed is en wat ik net feroarje kin. En ik wit net wêr't ik it sykje moat. Ik leau dat ik myn heil by God sykje moat, mar ek dêr kin ik it net fine. En dan lêst ik oer de Hebrieuske slaven yn Egypte (Exodus 3). Dat Moazes by de baarnende toarnbosk komt en dat God seit: 'Ik haw de ellinde fan myn folk sjoen, har helpgerop haw ik heard, dat Ik wit wol fan har lijen. Ik sil har ûnder de macht fan de Egyptners weihelje en har nei in goed en rom lân bringe.' Ik lêst dy wurden nochris en nochris en nochris: 'It helpgerop hat My berikt en de ûnderdrukking haw ik sjoen.' En yn dy wurden, yn it lêzen fan dy wurden, is dêr dan eat fan it heimnis fan dy moeting mei God: God heart ek my, God sjocht ek my, God sil ek my befrije fan de machten en nei in goed en rom lân bringe. Dat is in ûnderfining dy't my yn beweging bringt op de geastlike wei. Bûn as in slaaf sirkele ik om mysels hinne, mar God sjocht en heart my en ropt my om oerein te kommen en de wei fan de frijheid te gean.

Omfoarming yn skepping, seagen wy earder, betsjut dat wy ús bewust wurde dat wy bûten de moeting mei de Oar wêzenlik neat binne, dat wy pas ta libben komme yn de hân en yn de eagen fan God. Libben en dea is yn de bibel wêzenlik net it ûnderskie tusken in lichem dat it wol docht en in lichem dat it net docht, mar tusken bestean yn of bûten God, takeard nei God of ôfkeard fan God.

Omfoarming yn herskepping betsjut dat wy ús bewust wurde hoe't wy yn selsbelutsenheid - gaos, eangst, ûnrêst - om ússels hinne sirkelje en by God weirekke binne. It is it momint fan omkear. De ferlerne soan betinkt by de bargaen: dit is gjin libben, kom, ik gean nei ús heit ta (Lukas 15: 17-19). Ik kom ta ynsjoch dat myn eigen plannen en soargen my gjin heil bringe, mar just ôfhâlde fan myn wêzen, fan God. Ik besef hoe't ik misfoarme rekke bin, ferstruid en ferskuord, troch as in slaaf oeral achter oan te draven. It is it momint fan genede. God stiet mei iepen earmen klear. God makket my frij, sadat ik myn selsbelutsenheid loslitte kin. God ropt syn byld yn my wer foar it ljocht, sadat ik ta mysels en ta God komme kin en wurde wa't ik bin in Gods eagen. Ik bin net langer slaaf, mar bern fan God (Romeinen 8: 15). It is it momint fan stjerren fan de âlde mins en it ta libben kommen fan de nije mins yn Kristus (Efeziërs 4: 20-24, Kolossers 3: 1-11). Paulus seit yn it begjin fan Romeinen 12 dat wy net meigean moatte yn it skema fan de tiid, de wrâld om ús hinne, mar dat wy yn Kristus in metamorfoaze trochmeitsje, in nije foarm krije.

#### *Unrêstich bliuwt ús hert oant it rêst fynt yn jo*

Al hiel lang geane dizze bekende wurden fan Augustinus mei my mei. Wat betsjutte dizze wurden op de geastlike wei? De ûnrêst fan it hert is tink ik werkenber foar alle minsken. De ûnrêst én it langstme. De ûnrêst, omdat wy fiele dat ús bestean en de dingen net binne sa't se wêze moatte. En it langstme om rêst te finen, in goed en rom lân dêr't alles wol is sa't it wêze moat en dêr't wy ta folle bloei komme kinne.

Unrêstich bliuwt ús hert oant it rêst fynt yn jo. Augustinus tekenet mei dizze wurden oan it begjin fan syn Belidenissen achterôf syn libbenswei, de wei fan unrêstich sykjen nei it gelok fan it bestean dy't foar him útrint op it finen fan rêst yn God. Yn syn Belidenissen fertelt er fan syn omkear. Hoe't yn him in geweldige striid geande wie (Belijdenissen, VIII,8,19), lykas Paulus fertelt yn Romeinen 7. Breinroer is Augustinus, want alles yn him ropt him ta wat goed is - nei God ta gean - en dochs giet er krekt de oare kant út. Dan heart er yn de tún de stim fan ien fan de bern fan de buorlju: 'Nim en lêst (Belijdenissen, VIII,12,29).' En dan nimt er syn bibel, docht dy iepen en lêst: 'Lit ús tenei ús fatsoenlik hâlde en drage, lykas by ljochtskynde, sûnder te sûpen en te setten, sûnder wyldjeien en lossinnigens, sûnder rûzje en oergeunst. Wurd alhiel ien mei de Hear Jezus Kristus en wês jimme ferkeard aard net langer te wille om de begarten dêrfan te befredigjen (Romeinen 13: 13,14).' 'Wurd alhiel ien mei de Hear Jezus Kristus', dat binne de wurden dy't Augustinus omfoarmje, dy't yn him de metamorfoaze bewurkje.

De metamorfoaze. As Augustinus der sa achterôf oer fertelt, dan liket it in wûnderbaarlik momint: dat er krekt dan dy stim heart en krekt dy wurden yn de bibel lêst. It is ek in wûnderbaarlik momint,

dat er dy stim opmerkt en dat dy bibelwurden him sa oansprekke. Mar tagelyk is it ek in hiel gewoan momint en in koart ûnderdiel fan in folle langere wei, de lange wei dy't Augustinus gien is yn it spanningsfjild fan de moeting mei God, syn geastlike wei. De omfoarming, de metamorfoaze wurdt yn de praktyk betiden omjûn mei spektakelferhalen, dy't mear oer de minsken sizze as oer God. It kin wêze dat der yn de metamorfoaze in momint oan te wizen is, dat ynienen it ljocht trochbrekt, dat minsken harren ynienen troch God oansprutsen witte, lykas Saulus op syn reis nei Damaskus (Hannelingen 9: 1-9). Mar fakentiids is dat 'momint' fan omkear, fan omfoarming, in soarte fan gearfetsjende utering of in tekenjend ûnderdiel (achterôf) fan in folle langere wei. Metamorfoaze is it libbenslange proses fan de geastlike wei, fan ôfkear fan de selsbelutsenheid en takear nei God. Allyksa is de omkear fan ûnrêst nei rêst op de geastlike wei in libbenslang proses.

### ***Geastlike oefeningen***

By it proses fan de geastlike wei hearre oefeningen, geastlike oefeningen. Fan de woastynfaars kinne wy dêr al in protte fan leare. (Spiritualiteit, 262-267). As omfetsjende oefening neame hja it bliuwen yn de sel. De sel, it ferbliuw fan de muonts, is it byld fan de uterlike en ynderlike rêst dêr't men nei siket. De sel is dus net beheind ta it ferbliuw fan de muonts. Elk plak dêr't wy yn ús bestean ferbliuwe kin in sel wurde. Oeral dêr't wy binne, kinne wy yn ússels de romte fan de sel sykje en bewarje. Bûten de sel wurde wy opjage troch alles dat op ús ôfkomt, troch alle drokte en soarch dy't wy hawwe om ússels te hanthavenjen. Mar yn de rêst fan de sel kinne wy byinoar fandele en hiele wurde, kinne wy ta ússels komme en ta oerjefte oan God. De geastlike oefeningen helpe ús yn dy beweging: it loslitten fan de selsbelutsenheid mei alle ûnrêst dy't ús ferstruit en ferskuort en it tafertrouwen oan God dy't ús ien en hiel makket.

Belangrike geastlike oefeningen binne skriftlêzing, gebed, hânwurk en selsûndersyk. De skriftlêzing as geastlike oefening kom ik letter op werom. Yn it gebed en hânwurk werkenne wy dy belangrike regel fan Benediktus fan Nursia: ora et labora, bid en wurkje. Dat op elkoar belutsen bidden en wurkjen is de kearn fan in wize fan libjen dêr't alle oandacht rjochte wurdt op wat God mei ús foar eagen hat, hoe't God dwaande is ús libben te foarmjen. It selsûndersyk - de yntrospeksje, it trochgrûnjen fan de tinzen, it ûnder eagen sjen fan wat der yn my libbet - is ek in belangryk ûnderdiel fan it libben yn de sel. Abt Abraham seit: 'Hy (de bewenner fan de sel) moat wêze as in goede fisker dy't krekt lykas de apostels oan syn iten komt. Yn de stille djippte fan syn hert digeret er, oandachtich en ûnferweechlik, nei it rûnswimmende ies fan syn tinzen. As fan in útstekkende rots sjocht er soarchfâldich yn de djippte en ûnderskiedt mei skerpe sin, hokker hy mei de heak foar syn wolwêzen nei him ta helje moat en hokker hy, as kwealike en skealike fisken, oan 'e kant litte moat en wegerje (Collationes XXIV, 3).'

Abt Moses neamt as belangrykste deugd en geastlike oefening de ûnderskieding fan de geasten (Collationes I, 19-23 en II, 1,2). As foarbyld neamt hy dêrby de feardichheden fan de jildwikselers. Fjouwer dingen ûndersykje dy jildwikselers: 1. Is de munt fan suver goud? Komme ús tinzen fan God (wat opboud en ta it doel bringt) of fan ússels (wat ús finzen hâldt yn ús eigen konstruksjes en tekoarten) of fan de duvel (wat ôfbrekt en yn de falle lokket)? 2. Is it byld op de munt fan de kening of fan de tiran? Al is de munt (bgl. de skriftlêzing of it gebed) suver, is ús yntinsje dêrby ek suver of ferwurdt it ta tyranny? 3. Is de munt wettich slein? In tinkwize kin wol moai klinke, mar is er yn de tradysje fan de apostels en de mienskip ek hifke op betrouberens? 4. Wat is it folle gewicht fan de munt? Alles dat op ús ôfkomt moat weage wurde op de skealjes fan it hert: is it suver en rjochte op God of stiet it yn tsjinst fan ús eigen ear en fertoan? Kees Waaijman (Spiritualiteit, 481-512) ferwurdt dizze fjouwer fragen as: 1. it ûnderskieden fan de twa wegen: de wei fan it libben en de dearinnende wei, 2. it ûnderskieden fan Gods betsjutting: it ynterpretearjen (hermeneuse) fan it bestean yn it ljocht fan God, lykas Eva oan Adam jûn is as ynterpretearjend tsjinoer, 3. it midden fan de ûnderskieding: de mienskip as it krityske midden, dêr't men de ferskate posysjes yn harren gearhing ûnderskiede kin, de úteinen, de grinzen en de gouden middenwei, 4. de wei nei Gods bestimming ûnderskiede: it ûnderskieden fan de werklikheid en it ta folle bloei kommen yn God én de wei hjir tuskenyn.



### ***Romte, ûnderskieding, beweging***

Geastlike begelieding betsjut foar my dat wy elkoar yn de romte fan Gods leafde noegje, dat wy leare te ûnderskieden wat God útwurket yn ús libben en ús ta te fertrouwen oan de beweging fan Gods Geast.

Omfoarming, de metamorfoaze fan ús geast en tinken, kin allinne mar plak fine yn de romte fan Gods leafde. Salang't wy om ússels hinne draaie, sels it stjoer yn hannen hâlde, salang moatte wy de skyn ophâlde, it ferhaal en it plaatsje dat wy fan ússels makke hawwe (Dialogisch leven, 139). En salang regearret de eangst, de eangst dat it ferhaal net mear kloppet, it plaatsje útinoar falt en wy net mear oan ús trekken komme. Mar as wy yn de romte fan Gods leafde komme, dan kinne wy omkeare. Dêr komme wy wêzenlik ta ússels, ta elkoar en ta God. Dêr binne de ferhalen en plaatsjes net mear nedich en is der romte foar werklike moeting (Dialogisch leven, 143). Dêr kinne wy elkoar mei Gods eagen besjen, dat wol sizze: sa nei elkoar sjen en harkje dat de oar foar it ljocht komme kin, dat de oar ta wêzen komme kin.

Yn dy romte kinne wy leare om sûnder eangst de werklikheid ûnder eagen te sjen: ûnderskiede tusken skyn en wêzen, leafde en eangst, rêst en ûnrêst, slavernij en frijheid, selsbelutsenheid en oerjefte. Wat bringt ús tichter by God en by ús eigen wêzen en wat bringt ús just fierder fan hûs? By dat sykjen fan de wei kinne wy alle geastlike oefeningen brûke dy't ús oanrikt wurde fan de tradysje út. Tagelyk moatte wy ek dêr wer ûnderskiede oft dy oefeningen ús werklik op wei helpe of miskien ek wer ferwurde ta tiran.

Geande dizze wei kinne wy leare ússels los te litten en ús oer te jaan oan God, ús mei nimme te litten yn de beweging fan Gods Geast, Gods leafde. Dan sirkelje wy net mear om ússels hinne mar wurdt God it middelpunt fan ús libben. Dan hoege wy ússels net mear sjen te litten, mar dan wolle we oars net mear as trochskinend wurde foar de leafde fan God (Merkstenen, 117, 28-7-1957). Dat is dy ljurk dy't weiwurdt yn it ljocht en liet wurdt (Merkstenen, 31).

### ***Omkear en oanstriid***

Teresa fan Avila beskriuwt yn har Ynderlike Boarch de grutte wearde fan de siel, tagelyk as wenning en as byld fan God. Hoe fierder wy geane op de wei nei binnen, nammerste mear wurde wy gewaar fan it ljocht en de leafde fan God. Mar fan bûten ôf fjochtsje de wylde dieren ús oan, al ús drokte, al ús noeden en soargen dy't ús yn de greep hâlde, dy't ús bang meitsje en dy't wy net loslitte kinne. En tusken de romten yn de Boarch binne de doarren fan ús selsbelutsenheid en ús wjerstân omdat wy sels it stjoer yn hannen hâlde wolle. Allinne troch it gebed, troch ús takearen nei God, kinne dy doarren iepengean (Verkenning van de Innerlijke Burcht, 16). Teresa beskriuwt ek hoe't wy gewaar wurde kinne dat God yn ús oan it wurk is. Yn it earste plak is dat te merken oan dieden fan leafde foar de neiste en fierder oan de omkear fan benearing nei ferromming (idem, 80), fan eangst nei frijheid (idem, 93), fan twivel nei wissichheid (idem, 117).

Op myn eigen wei binne dit heldere en helpende bylden. Sy helpe my om de oanstriid yn myn bestean te ferwurdzjen en dêrmei ek om my om te kearen en de wylde dieren harren plak te wizen. Sy helpe my ek om ûnder eagen te sjen hoe faak ik noch 'oan de ferkearde kant' sit, oan de kant fan de benearing, de eangst en de twivel. En ek dêryn wurdt my de wei fan omkear wiisd. Troch it gebed, troch my ta God te kearen, geane de doarren iepen en kom ik tagelyk tichter by God en tichter by myn wêzen, it byld fan God yn my.

Ek dizze wei is in proses. En sa binne dêr dy twa famkes yn my, dy't ik beide bin. Yn wêzen it leaflike minskebern, foarme nei Gods byld. En yn de praktyk tagelyk it bange minskebern, dat oanfochten wurdt troch de wylde dieren, yn de greep fan de dingen dy't hja net loslitte kin. Yn de romte fan Gods leafde kin ik leare dy ferskillende kanten fan myn bestean ûnder eagen te sjen, de wylde dieren harren plak te wizen en my meinimme litte yn de beweging fan ljocht en leafde.

Tongersdei 15 maaie 2008 – de lytse hazze, de wylde goes en wjerkôgjende kij

Snein, Pinkstersnein, hiene de belideniskategisanten in grut kado foar de bern: in grutte lege doaze. Dat wie it byld, Wêzer, foar de romte, de lege romte dy't wy foar dy, foar dyn Geast, bewarje meie yn ús bestean. Letter diene de minsken it pakpapier en oare rommeltsjes yn dy doaze. Oan it ein fan de tsjinst sei de âlderling tsjin de gemeente: 'Sjoch, sa giet dat no. Dêr is dy lege romte en wy smite der wer fan allerhanne rommel yn.' In prachtich byld. Doe haw ik de doaze opkrigen en wer leech rûgelje litten.



Ik sit hjir yn in hikkedaam oan it begjin fan it fytspaad nei Spannum. Ik siet niis in skoftke nei te tinken en seach doe op om myn skrift te pakken en te skriuwen oer de doaze. Doe siet der flak foar my yn de daam in lytse hazze en seach my oan. Ik hie it fototastel net klear. De moaiste dingen kin men net op de foto sette.

Ien fan de keunstkij dy't makke binne foar de earste Slachtemaraton. Keunst foarme nei ús byld. Mar omkear betsjut, Wêzer, dat wy de dingen net foarmje nei ús byld, dy net foarmje nei ús byld, mar ús foarmje litte nei dyn byld.



Jezus, myn freon, ik bin sykjende hoe't ik dy oansprekke sil yn myn hert. 'Jo'- sa fier fuort, yn alle âlde grutte wurden fan de lear. 'Do' - allinne mei skrutenens doar ik dat te sizzen. Mar sa bisto der foar ús, hasto sein: in freon.

Ik kom hjoed oer de Slachte yn gjin inkeld doarp. Mar de klokken begjinne te lieden, it is acht oere. Om my hinne binne Lollum, Waaksens, Kûbaard, Wommels, Spannum en Tsjom. Ik hear ek in koekoek yn it lân. Al in pear kear fan 'e moarn. En it is lykas it neffens it liet fan Waling Dykstra wêze moat: 'Skries op 'e hikke ropt grito-gryt.'

Op Swarte Beien kuijerje twa guozzen troch it lân. Efkes letter fyn ik noch in stiennen goes lâns de dyk.

Juster hearde ik it prachtige ferhaal fan Sören Kierkegaard oer de wylde en de nuete guozzen. Sille de wylde guozzen mei de nuete nuet wurde of sille de nuete guozzen harren troch de wylde guozzen meinimme litte op de grutte reis? Jouwe wy ús del by wat feilich en foar hannen is of litte wy ús meinimme dyn frijheid yn, Wêzer? Litte wy ús bine yn ús lytse wrâld of litte wy ús meinimme yn de widens fan it heimnis fan ús bestean? Lit ik my bine troch de eangst of lit ik my meinimme yn de beweging fan it langstme, de romte fan de leafde?



Hear Jezus - freon mei ik dy neame - do bist de wei fan de minske gien. Do hast de beker leech dronken, do hast alles oannaam en trochlibbe en oerjûn, dysels út hannen jûn. Do bist leech wurden fan dysels en fol wurden fan Geast. En yn Getsémané hasto yn deadseangst west en oan it krús hasto roppen: 'Myn God, wêrom hasto my ferlitten?' En dan is dêr dy wûndere nije moarn. Dat is it heimnis fan de flecht fan de wylde goes.

Midden yn dit bestean. Ik sit hjir yn de lijte fan in steapel kuilpakken. En in ko stiet hjir deun foar my ûnbeskamsum syn behoeften te dwaan. Myn tinzen geane út nei alle lytsere dingen dy't oandacht freegje op myn wei en yn myn wurk. En nei de grutte dingen dy't yn 'e krante steane, de rampen yn Birma en yn Sina. Wat is lyts en wat is grut? Wêzer, sûnder dit leauwen kin ik net bestean: elk skepsel is yn dyn hân bewarre. Yn de namme fan Jezus.

It is wer in prachtige maaie moarn, mar de wyn, de noard-noardeastewyn is noch altyd kâld. Lêsten hearde ik dat yn de âlde tsjerken hjir de preekstoel tsjin de súdmuorre boud waard, sadat it evangeelje nei it noarden klinke soe, oer de oarden fan kwea en godleasheid, oer wat doedestiids it lân fan de Noarmannen wie. Op Himelfeartsdei haw ik dêroer ferteld, op de preekstoel oan de súdmuorre fan de Sint Margryt yn Easterlittens. Jezus is Hear, Kening oer de machten. Dat meie wy útroppe tsjin it kwea, tsjin de godleasheid yn ús wrâld, yn ús doarpen, yn ús tsjerken, yn ús huzen en yn ús herten.

Ik rin op de Littenserbuorren en ik haw yn 'e wyn. Allinnich en yn 'e wyn, op 'en doer hâld ik dat net fol. De wylde guozzen fleane yn V-foarm, om bar foarop, de sterksten, en de oaren yn in lange rige, dêr't de iene wynfangt foar de oare dy't wer wynfangt foar dy dêr achter en gean sa mar troch. Sa fytsten wy eartiids ek nei skoalle ta.

Mienskip. Sûnder de mienskip kin ik de lange reis net folhâlde. Mar yn de mienskip wurd ik troch oaren meinaam en nim ik oaren mei, bin ik wynfanger en mei ik de lijte sykje. En foaroan bisto, freon Jezus, en de sterken dy't fol binne fan dyn krêft, dyn Geast.



Yntusken ûntdek ik dat ik ferkeard rûn bin. Ik bin mar gewoan fierder kuiere oer de Littenserbuorren, wylst ik nei rjochts moatten hie om de Slachte te folgjen. Omkeare dus. Mar no haw ik wol wer foar de wyn. Barmhertich nei de dingen sjen, barmhertich nei mysels sjen. Dat krije wy net fansels mei, Wêzer, dat moat ik leare fan dy. De guozzen fleane by't winter ek nei it suden ta.

No bin ik werom op it goede paad, by de rjochtingwizer dêr't ik niis ek al by stilstien haw. Mar doe tocht ik der net oan dat dy my ek wat te sizzen hie. Ik seach allinne it oare buordsje: dearinnende wei.

By de (âlde) Slachtebrêge op in bankje, oan de Boalsertferfeart. Hjir stiet in gedicht fan Baukje Wytsma op in pealtsje: 'de Slachte bochtet nei de Bidlerstien, in nije brêge tilt dy oer de dyk'.



Dy Bidlerstien, soe dat dy peal west hawwe dy't hjoed oan it begjin fan myn etappe stie?



Hjirwei soe men eartiids it kleaster Blomkamp lizzen sjen kinne. Foarich jier hawwe wy dêr omhinne kuiere. Dêr yn de sleatswâl hiene wy it oer de Lectio Divina, it wjerkôgjen fan de wurden fan de Skrift. En wy hiene it libbene foarbyld by ús, mei de wjerkôgjende kij oare kant de sleat. Dêrnei hawwe wy wurden út Psalm 36 lêzen en yn stilte troch it lân rûn, de wyn yn de rêch, de jûnssinne foar ús út en om ús hinne de fûgels en de blommen.

Dyn geunst, Wêzer, is himelheech,  
dyn trou rikt oan de wolken ta,  
dyn gerjochtichheid is as hege bergen,  
dyn oardielen as grutte oseanen:  
minske en bist fynt behâld by dy.  
Hoe kostlik is dyn geunst, Wêzer.  
By dy komme de minskebern  
om har te bergjen yn it skaad fan dyn wjokken.  
Se dogge har te goed oan 'e oerfloed fan dyn hûs,  
do litst har drinke út de stream fan dyn geniet.  
By dy is de boarne fan it libben;  
troch dyn ljocht sjogge wy it libbensljocht.



De weromreis. Hjir sit ik wer, deselde hikkedaam as fan de hazze fan 'e moarn. En sjoch, hjir is it ôffal dat ik byinoar fandele haw lâns de kant fan de dyk. Leech wurde, Wêzer, wat betsjut dat? Romte bewarje foar dy yn myn bestean, hoe doch ik dat? It slagget my noait om alle rommel op te romjen.

Hear Jezus, freon, do hast it foardien. De beker leechdrinke. Alles oansjen yn ús bestean, it goede en it kweade. Alles omearmje, alles drage yn de romte fan de leafde. Sa wurdt de fijânskip, de eangst ferdreaun. Yn de romte fan de leafde, yn it dragen fan it krús.

#### 4. OMFOARMING YN LYKFOARMICHHEID - FAN AUTONOMY NEI OERJEFTE

##### *It stjoer út hannen jaan*

Autonomy is in grut goed. Neffens it wurdboek betsjut autonomy: selsbestjoer, selsstannigens fan de minsklike wil, de frije wil. It is belangryk dat oaren net samar oer my beskikke kinne, mar dat ik frij bin om myn eigen wei te gean en myn eigen kar te meitsjen. Mar it begryp autonomy hat ek in skaadkant. It kin de betsjutting krije fan: ik stel my sels de wet en haw mei gjinien oars wat te krijen. It kin yn in yndividualistysk klimaat de relaasje mei de oar yn it paad stean.

Foarige wike prate ik mei in frou dy't belutsen is by in ûntwikkelingsprojekt yn Kenia. Hja fertelde dat autonomy in wurd is dat dêr gjin wjerklank fynt. Oan de oare kant is dêr just in spesjaal en faak brûkt wurd dat de ferbûnens yn it libben oanjout, ferbûnens fan minsken mei elkoar, mei God en mei de wrâld om harren hinne.

Ik bin de ôfrûne jierren ta ynsjoch kommen hoe muoilik it foar my is om it stjoer út hannen te jaan. Ik haw bepaalde tinkbylden en plannen en wol graach dat myn libben en wurkjen ek dêrneffens ferrint. It leafst wol ik dat oare minsken harren dêr ek oan oanpasse. En úteinlik besykje ik ek God noch foar dy karre te spannen. En dan leare om oarsom te tinken: it stjoer út hannen jaan.

Yn ús gemeente hawwe wy de ôfrûne jierren in learproses trochmakke yn dat 'oarsom tinken'. Wy hawwe ek besocht dat ûnder wurden te bringen. Earst wie it sa - bygelyks op gemeentejûnen - dat elk kaam mei har of syn eigen winsken. It leafst woe elk syn of har eigen sin hawwe en wy besochten ek iverich om it elk nei it sin te meitsjen. Letter kaam de fraach foarop te stean: wat is goed foar de gemeente? Bygelyks by de fraach oft de bern meidwaan mochten oan it Nachtmiel. Wy beseften dat wy it net elk nei it sin meitsje koene, mar fregen ús ôf: hokfoar koers is it bêste foar de gemeente as gehiel? En wy learden dat wy yn it belang fan de mienskip dan soms sels wolris in stapke achterút dwaan moasten. Noch wer letter kaam de fraach foarop te stean: wat soe God no eins mei ús foarhawwe, mei ús as gemeente wolle? Wy learden om ús eigen plannen en winsken efkes rêste te litten en earst te freegjen en te bidden: 'God, wat wolle Jo dat wy dogge? Wat wolle Jo hjir útwurkje?' Wy seagen dizze stappen achterinoar as stadia yn ús learproses. Mar tagelyk rinne se ek trochinoar. As wy bygelyks de fraach foarop stelle wat God fan ús wol, bliuwt dêr altyd ek noch dy werklikheid dat wy ek graach ús eigen sin hawwe wolle.

Doe't ik letter nochris oer dit proses neitocht, betocht ik dat it liket op it groeiproses fan bern nei folwoeksene. It lytse bern kin net oars as de eigen winsken kenber meitsje en oaren freegje om oan syn of har behoeften temjitte te kommen. Geandewei leare wy dat wy yn de moeting mei oaren ek wolris in stapke tebek dwaan moatte. En folwoechsen wurde wy as wy leare om selsstannich en lykwichtich om te gean mei de belangen fan oaren en fan ússels.

Wêrom is it sa muoilik om it stjoer út hannen te jaan? Wêrom is it muoilik om werklik folwoechsen te wurden? Omdat wy bang binne. Bang dat wy net oan ús trekken komme, dat wy ússels net hanthavenje kinne, dat wy ússels ferlieze sille. Yn dy eangst bliuwe wy om ússels hinne sirkeljen en sykje wy de foldwaning fan ús eigen behoeften. Mar yn de romte fan de leafde - de leafde fan minsken om ús hinne, de leafde fan God - wurdt de eangst ferdreaun. Yn de romte fan de leafde leare wy om ússels en ús behoeften los te litten, leare wy om leafde werom te jaan, leare wy de oerjefte yn de beweging fan belangeleaze leafde.

##### *God-minsklike foarmen en omfoarming*

Der binne yn ús libben allerhanne paadwizers en foarbylden dy't ús op de wei sette fan selsbelutsenens nei oerjefte, de wei fan eangst nei leafde. Minsken bygelyks, út it ferline of fan hjoed de dei, of (bibel-)ferhalen, rituelen, lieten, keunst of natuer. Yn alles kin God ta ús sprekke en ús yn de romte fan de leafde bringe. Alles kin in 'god-minsklike' foarm wurde. Yn dy foarm jout God him yn syn leafde oan ús en wurde wy yn de leafde fan God lutsen. Yn dy foarm litte wy ús selsbetochte foarm los en litte wy ús yn de foarm nei Gods byld bringe. Dat is wat Kees Waaijman omfoarming yn lykfoarmichheid neamt (Spiritualiteit, 460-466). Troch gelyk te wurden oan dy god-minsklike foarm wurde wy tagelyk ûntfoarme en foarme: wy litte ús eigen projekt los en God sjocht ús wiere wêzen nei syn byld foar it ljocht.

It is mooglik dat wy sa fol binne fan ússels en fan de dingen dêr't wy mei dwaande binne, dat wy gjin romte hawwe foar God en gjin each foar god-minsklike foarmen. It is ek mooglik dat wy ús sa fêstklamje oan in god-minsklike foarm, dat it as in idaal (byld) it plak fan God ynnimt en just de werklike moeting mei God yn it paad stiet. Of dat wy wol belide dat wy foarme binne nei Gods byld om op God te lykjen, mar tagelyk ûnbeweechlik fêstsitte yn ús eigen projekten en plannen en ús net tafertrouwe oan God, ús net oerjouwe oan de beweging fan de leafde.

Dêrom fyn ik in lege doaze, sa't wy dy mei Pinkster hiene as byld fan it geskink fan de hillige Geast, in belangryk byld. Foar my is dy doaze in god-minsklike foarm wurden. As ik leech wurd fan mysels lykas dy doaze, kin ik fol wurde fan de Geast fan God. As ik myn eigen projekten loslit, kin ik opmerksum wurde foar wat God yn myn bestean útwurket.

### ***Paadwizers en foarbylden***

Op ús geastlike wei en yn de geastlike begelieding is it belangryk dat wy each hawwe foar god-minsklike foarmen. Wêr fine wy foarmen dêr't Gods leafde ús yn temjitte komt en dy't ús yn de beweging fan dy leafde lûke? Sa kinne wy bygelyks sjen nei al de foarmen fan ús gemeente-wêzen: de tsjerketsjinsten en it pastoraat, mar ek it behear en de kosterij. Sa kinne wy ek sjen nei de foarmen dy't wy thús brûke om mei it leauwen dwaande te wêzen, lykas it bibellêzen of it gebed. Mar sa kinne wy ek sjen nei alle deistige dingen: it ôfwaskjen en it yn de file stean, de omgong mei de kollega's en it wachtsjen foar de kassa yn de winkel. Lykas Jezus seit: 'Wat jimme ek mar foar ien fan myn alderearmste bruorren dien hawwe, dat hawwe jim foar My dien (Mattéus 25: 40).'

It libben yn de sel kin sa'n god-minsklike foarm wêze. 'Bliuw yn de sel' seine de woastynfaars, 'en de sel sil dy alles leare.' Ofrûne snein wie der by ús yn tsjerke in sprekker fan Open Doors, in organisaasje dy't him ynset foar kristenen dy't ferfolge wurde. De sprekker liet ús in boek sjen en sei: 'Jimme moatte benammen it lêste part lêze. Dat giet net oer wat wy foar harren dwaan kinne mar oer wat wy fan harren leare kinne.' Dêr fertelt de skriuwer oer in man út Sina, dy't 23 jier yn de sel sitten hat (Volharden in geloof, 137-139). It earste wat dy man yn in moeting oan de skriuwer freget is: 'Hoe kuijerje jo mei God?' De skriuwer neamt dingen op lykas bidde en bibelstúdzje. 'It ferkearde antwurd,' seit de man, 'om mei God te kuijerjen moatte jo rêstich rinnen gean.' En letter fertelt er: 'Ik waard yn in sel treaun, mar jo sille josels yn in sel triuwe moatte. Jo hawwe gjin tiid om God te kennen. Jo moatte in sel foar josels bouwe sadat jo foar josels dwaan kinne wat ferfolging foar my dien hat - it libben fersimpelje en God kenne.' It libben fersimpelje, letterlik betsjut dat: it libben 'semel plexus' meitsje, inkeld flochten of inkeld fâlde, it libben ûnt-flechte, ienfâldich meitsje. Dat is wat it libben yn de sel docht: minsken foarmje nei Gods byld, nei Gods ienfâld. Sa kin de sel in tûn wurde, seit de man út Sina. Lykas de tûn fan Eden, dêr't God kuieret mei de minske en de minske kuieret mei God, yn relaasje libbet mei God.

De lêste jierren hawwe wy mei in groepke minsken lytse kuiertochten makke yn ús eigen omkriten. Op dy kuiertochten hawwe wy stilstien by it libben en leauwen fan minsken dy't ús foargien binne: Menno Simons, Anna Maria fan Schurman en Titus Brandsma, de bewenners fan Kleaster Lidlum, fan Blomkamp en fan it kleaster fan de Broeretsjerke, dy't libben neffens de regel fan respektivelik Augustinus, Benediktus en Fransiskus. En allegearre kinne hja op harren eigen wize sa'n god-minsklike foarm foar ús wêze, in foarm dêr't Gods leafde trochhinne sprekt en dy't ús yn de beweging fan dy leafde lûkt. Menno bygelyks, dy't siket nei in gemeente 'sûnder plak of ronfel' (Efeziërs 5: 27), mei Kristus as fûnemint (1 Korintiërs 3: 11). Of Anna Maria dy't hopet dat it fjoer fan de earste gemeente wer wekker wurde sil yn de tsjerken, it fjoer fan de Geast, it fjoer fan leauwe, hope en leafde. En Titus, dy't oandacht hie foar safolle dingen, mar benammen foar de ynwurking fan God yn it libben fan minsken - ús sielesnaren dy't ôfstimd binne op God - wêrtroch minsken ta folle bloei komme; dy't dêr sels it foarbyld fan waard, yn syn wjerstân tsjin de tiranny, yn de finzenis, yn de ferskrikking fan it kamp. Trije teksten bewarre de Karmelyt Titus yn syn sel by trije ôfbyldings, as in trijelûk fan in alter. In tekst by de ôfbylding fan Teresa fan Avila: nada te turbe, lit neat dy ferûnrêste... wa't oan God fêsthâldt komt neat tekoart. En in tekst by de ôfbylding fan Jan fan it Krús: nim de dagen lykas sy komme. En in tekst ûnder de ôfbylding fan Kristus oan it krús: God sa hein en fier, God is der altyd.

### ***Lectio Divina***

Wurden kinne in belangrike god-minsklike foarm wêze. Yn it earder neamde boek (Volharden in geloof, 40) stiet ek in ferhaal oer hoe't in evangelist yn Sina bibelteksten trochjoech yn kontreien dêr't minsken sels gjin bibel hiene. Hy keas út in grutte groep in pear minsken út dy't er mei nei de rivier ta naam. Dêr kraste er foar elk in bibelfers op in stien. Dy moasten hja yn harren eigen groep trochjaan. Elk mocht dy stien in wike meidrage - by it wurk, by it iten, by it sliepen, by alles - en oer dy tekst neitinke, der oer bidde en allegeduerigen God freegje om troch dy wurden te sprekken. Op de wyklikse gearkomste mocht dy persoan dan trochjaan wat God troch it fers op dy stien oan him of har ferteld hie. Dêrnei krige in oarenien de stien mei, oant elkenien oan bar west hie. En dan wikselen de groepen harren stiennen. Dizze wurkwiize, dy't út de need ûntstien wie, blik tige fruchtber. De wurden dy't de minsken sa mei harren meidroegen, hiene in grutte útwurking yn harren libben en leauwen.

Dit is in moai foarbyld fan hoe't fanâlds fan de kleastertradysje út de Lectio Divina wurke hat (Een levensregel voor beginners, 61 e.f.). De Lectio Divina (godlike lêzing) is in oandachtige en biddende foarm fan lêzen fan de bibel of oare wijde teksten. It giet om it wjerkôgjen fan de tekst, sadat alle streksomens út de wurden opnaam wurdt. Dit lêzen is in proses dêr't de tekst en de lêzer yn omfoarme wurde. Troch it lêzen wurdt de tekst transformearre nei de aktuele situaasje ta en de tekst wurket omfoarmjend troch yn de lêzer. De Kartuzer abt Guigo II hat yn de tolfde ieu de fazen beskreaun fan dit lêsesproses: 1. lectio, de lêzing: it (lûdop) lêzen dat de tekst fia de sintugen binnen bringt yn it hert fan de lêzer en de lêzer binnenbringt yn it hert fan de tekst, 2. meditatio, it yn jin omgean litten: it sykjen nei de ynderlike betsjutting fan de tekst, hoe't dêryn de godlike en minsklike werklikheid op elkoar belutsen wurde, 3. oratio, it gebed: it troch de wurden yn de lêzer ûntflamjen fan langstme nei God, it feroarjen fan sprekken oer God yn sprekken mei God (stie ús hert net yn 'e brân? - Lukas 24: 32), 4. contemplatio, de beskôging: de mystike diminsje as kearn fan it proses, de iepenbiering dy't de lêzer eat gewaar wurde lit fan it heimnis fan God.

Yn de oratio en contemplatio gripe de werklikheid fan minske en God yn elkoar. Guigo neamt dizze beweging fan wjerskanten de mystike anty-frase. Yn dy beweging fynt de omfoarming plak en kin ien en itselde barren in tsjinstelde betsjutting krije: triennen fan fertriet dy't feroarje yn triennen fan freugde, it loslitten fan alles dat liedt ta de ûnderfining fan it ûntfangen fan in oerfloed, de ferburgenheid fan God dy't tagelyk ûnderfûn wurdt as iepenbiering fan God. Guons neame neist dizze fazen fan Guigo noch twa belangrike eleminten fan de Lectio Divina. It earste is de begjinhâlding, dêr't it giet om de yntinsje, de situaasje, de hâlding fan de lêzer. It lêste is de trochwurking fan de tekst yn it konkrete bestean fan de lêzer, dêr't de eventuele omfoarmjende wurking fan de tekst oan ôf te lêzen is.

### ***Jezus as god-minsklike foarm***

Wurden kinne in god-minsklike foarm wêze op de geastlike wei, dy't ús tagelyk ûntfoarmje fan ús eigen bylden en foarmje nei Gods byld. Jezus, dy't yn it begjin fan it Johannesevangeelje it Wurd fan God neamd wurdt, is yn de kristlike tradysje de god-minsklike foarm by útstek. 'Wurd alhiel ien mei de Hear Jezus Kristus', skriuwt Paulus yn Romeinen 13: 14. En yn 2 Korintiërs 3: 18 stiet: 'Wy allegearre no, dy't mei in ûnbedutsen gesicht de hearlikheid fan de Hear as yn in spegel oanskôgje, wurde nei itselde byld fan uterlik feroare, wat langer wat hearliker; troch de Hear ommers, dy't Geast is.' Troch de jeften fan de Geast wurdt de gemeente as it lichem fan Kristus opboud, stiet yn Efeziërs 4, oant wy folwoeksen wurde, útgroeid neffens de folsleinens fan Kristus. Yn Filippenzen 2 wurdt ús omfoarming yn Kristus besongen. Yn Jezus jout God him yn syn leafde oan ús en wurde wy yn de leafde fan God lutsen. Jezus hâldt net fêst oan it stal (foarm, morfê) fan God en it gelyk wêzen oan God, mar hy nimt it stal (foarm, morfê) fan in slaaf oan en wurdt gelyk oan de minsken. Dêrtroch kinne wy minsken - yn him en troch him - gelyk wurde oan God. Dêrom hat God him ferhege en dêrom sil elk belide 'Jezus Kristus is Hear', ta ear fan God, de Heit. Jezus hat himsels priisjûn (fan kenoo, leech meitsje) stiet yn fers 7, om oan de minsken gelyk te wurden. En sa moatte wy ússels priisjaan, ússels leech meitsje om foarme te wurden nei it byld fan God.



Jezus Kristus is Hear! Dy belidenis meie wy útrope tsjin alle machten, tsjin alle kwea en godleasheid yn de wrâld en yn ús hert. Yn dat leauwen wurde wy leech fan ús eigen bylden en fol fan God. Omfoarming yn lykfoarmichheid betsjut net dat wy perfekte minsken wurde. Eartiids wie der dat liet 'Ik wens te zijn als Jezus'. Sûnder dat wy krekt it hoe en het wisten, waard dúdlik dat dat liet net hielendal doogde. En ik begryp no wêrom. It giet der net om dat wy ússels foarmje ta perfekte minsken, nei de foarm en it foarbyld fan Jezus. It giet der just om dat ik leech wurd, dat ik myn eigen perfeksjonisme loslit, dat ik frijmakke wurd fan myn eigen (leauwige) projekten en idealen en mislearringen. It giet der om dat ik mysels, myn foarm doar los te litten en my troch Jezus yn de romte fan Gods leafde lûke lit. Dêr ûntdek ik dat ik yn him en mei him en troch him bern fan God en byld fan God bin. Net fanwegen myn prestaasjes, mar fanwegen de leafde fan God. En as bern fan God en byld fan God mei ik dy leafde fan God troch my hinne skine litte.

Earder haw ik ferteld oer de muoite dy't ik haw mei de Heidelberger Kategismus, om't ik dêr - rjochtlik of ûnrjochtlik - fan learde om fan de ellinde út allinne mar mei oardieljende en feroardieljende eagen om my hinne te sjen en benammen ek nei mysels te sjen. De oare kant fan it ferhaal fan de Kategismus - en in belangrike kant, neffens my - is de tankberens. Alles wat wy dogge en litte hat net as doel dat wy sels de ferlossing, de goede foarm fine en berikke moatte. Mar alles wat wy dogge en litte mei woartelje yn de tankberens dat wy yn Kristus ferlost binne fan ús eigenmakke bylden en foarme binne ta bern en byld fan God. De Heidelberger Kategismus is dêryn foar my in paadwizer, dy't my warskôget bygelyks tsjin de mooglike tiranny fan geastlike oefeningen en tsjin de bliuwende oanstriid om myn eigen perfekte projekt te ûndernimmen.

### ***Omfoarming op myn eigen wei***

Yn de Printebibel fan Kees de Kort stiet in plaatsje fan Bartiméus, de blinde Bartiméus dy't troch Jezus genêzen is. Mei grutte wiidiepen eagen sjocht er de wrâld yn. En mei Peaske tocht ik: 'Sa moatte ek de froulju sjoen hawwe op Peaskemoarn, mei freze en grutte freugde.'

Dit plaatsje joech ik foarige moanne ta ôfskie oan de kollega's fan de oplieding. 'Dit is al jierrenlang myn moaiste plaatsje,' sei ik. En dêrby fertelde ik oer dy froulju op de Peaskemoarn. Doe begûn ien fan de kollega's oer in oar plaatsje yn datselde ferhaal: Bartiméus dy't mei reade holle en wiid iepen mûle ropt: 'Jezus, haw meilijen mei my.' En opienen betocht ik my: 'Mar dát wie ommers myn moaiste plaatsje, al jierrenlang.' Sûnder dat ik it wist, wie yn my it plaatsje ferskood. Fan de blinde Bartiméus dy't oan de kant fan de dyk om meilijen ropt, nei de sjende Bartiméus dy't mei wiidiepen eagen de wrâld yn sjocht. Mei freze? Mei grutte freugde?

It is bysûnder om sa'n ûntdekking te dwaan. Ik lear der fan dat it ferhaal fan de geastlike wei net allinne mar in moaie teory is, mar ek werklik in beweging op gong bringt. Ik lear der fan dat it meidragen fan de bibelferhalen fruchten opsmyt. Ik lear der fan dat it roppen oan Jezus gjin freegjen sûnder antwurd is, mar diel fan it heimnis fan de moeting mei God, fernijend en genêskrêftich. Ik lear dat ik der wêze mei sa't God my fynt en foarmet, dat ik leafde oannimme en trochjaan mei. Ik lear oereinkommen en op wei gean, in ûnbekende wei gean. Jezus neifolgje.

'Kristendom is ûnrêst, de ûnrêst fan de ivichheid' seit Sören Kierkegaard (Spiritualiteit als inzicht, 172), dyselde as fan de wylde en de nuete guozzen. Hy warskôget foar in deade tsjerke, dêr't gjin beweging mear yn sit, dêr't minsken net omfoarme wurde mar as taskôgers oan de kant sitte. Kierkegaard ropt de minsken op ta it weachstik fan it leauwen, it weachstik fan de lyktidigens mei Kristus yn ús tiid. Net sneins yn tsjerke sitte en troch de wike lykfoarmich wurde oan it skema fan de wrâld. Net fan Jezus - ik wens te zijn als Jezus - myn eigen ideaal meitsje. Mar my oansprekke, meinimme en omfoarmje litte troch Kristus, sa dat ivichheid en tiid ien wurde op dit momint, yn dizze situaasje.

Tongersdei 22 maaie 2008 – bestille en bedimme

Wer fierder by de âlde Slachtebrêge oan de Boalserterfeart. Hjir stiet ek dat liet op in buordsje, it gedicht 'Heitelân' fan J. L. van der Burg: 'Dêr't de dyk it lân omklammet, lyk in memme-earm har bern.' Juster hawwe wy op de tsjerkerie Psalm 131 lêzen: 'Ik ha mysels alhiel bedimme en bestille, as in ôfwend bern by syn mem. Ja, as in ôfwend bern bin ik.'

Omfoarming yn leafde. Dy wurden geane hjoed mei my mei, Wêzer. Mei lege hannen libje. Omearmje wat der net wêze mei. De klokken liede acht oere. Ik gean op wei nei Reahûs.

In bankje by de Súdhoeke, fan de Rvk Wommels. Op it bankje steane de plakken skreaun, dy't men rûnom lizzen sjen kin: Wommels, Burchwert, Boalsert, Nijlân, Hidaard en Easterein. It is healwei njoggenen en de klokken fan Nijlân liede. Yn Easterein klinkt in heimasine. Yn it westen hear ik de auto's op de dyk fan Ljouwert nei Boalsert, yn it suden de dyk nei Snits en yn it easten de auto's op de Súdhoeke. Tichterby is it lûd fan in hûn op in pleats, de fûgels en de wyn. De wyn komt noch altyd út it noarden en de lamkes lizze oan de súdkant yn 'e lijte fan de mem.



Hidaardersyl. De heimasine dy't ik hear is net yn Easterein, mar ik tink fan hielendal yn Snits. De sinne skynt wer sulver troch de wolken en wjerspegelet yn de Hidaarderfeart. Der is krekt in boatsje lâns fearn en it wetter bliuwt noch lang ûnrêstich. Yn 'e fierte skreaut in pau. Sa is it ferdiel, de ien hat moaie fearren en de oar in moaie stim.


Leafde, Wêzer. No brekt de sinne troch en ik fiel de waarmte op myn hûd. De wei fan eangst nei leafde, Wêzer, ik wit net wat ik skriuwe moat. Mei de kategisanten hawwe wy it hân oer it belidenis dwaan, it langstme dat mei ús 'ja' ynienen alles oars wurdt, ynienen alles goed en helder wurdt. Mar der is in wei te gean, Wêzer. En net ús 'ja', mar dyn 'ja' draacht ús op dy wei.

'Sit net yn noed' dat is de tekst dy't foar de kommende snein op it roaster stiet. 'Sit net yn noed. Set it sin alderearst op it Keninkryk fan God en op wat Hy wol.' Wêzer, wat is dyn wol, wêr is dyn Keninkryk? De ôfrûne dagen haw ik wer draafd, Wêzer, en net iens foar mysels. Ik haw my fan it kastke nei de muorre stjoere litten. Muorren fan ynstânsjes dy't ynsteld binne om te helpen, mar bestjurre binne ta in bastion.

De oanstriid, Wêzer. Ik wol my oerjaan oan dyn leafde, ik wol libje út de boarne fan dyn leafde, mar altyd wer fyn ik my fier by dy wei werom. Opjage, ferstruid en ferskuord.

Wêzer, ik wol bekenne dat ik elke kear mar wer mysels ferlies yn alle noed en soarch. Mar, Wêzer, ik wol ek by dy bringe alle skuorren yn ús bestean dy't my fier te boppe geane. Bergje do ús yn dyn frede, kin ik dan allinnich mar freegje, lit dyn keninkryk komme. En dan bin ik werom by de boarne, Wêzer. Dan is dyn leafde dêr, dyn 'ja' dat freget om ús 'ja'.

Noch altyd ropt de pau. Ik hear ek guozzen yn de loft. En niis seach ik lâns de dyk ek noch in stiennen goes, fersmoarge yn in hoekje by in tichtspikere hûs, mei útsjoch op wat âlde rommel. Wêr't ik ek stean of gean, Wêzer, oeral kin ik libje út de romte fan dyn leafde, oeral kin ik hearre mei dyn earen, sjen mei dyn eagen, spiegel wurde fan dyn leafde, fan dyn ljocht.



Healwei de Kliuw en Reahûs lis ik yn it lân. Ik lit my drage troch de ierde, ik lit my ferwaarmje troch de sinne. It is no wûnderlik stil. Allinne it lûd fan de wyn, it gers en de reiden, fan kweakjende kikkerts en fan fûgels yn 'e fierte. Om my hinne de swarte hynders en de wjerkôgjende kij. Yn de sleat in merkelpear mei lytse piken.

Ik kom ta rêst. Ik lei hjir, wurch fan skamte, om al myn drokte, om al myn tekoarten, om al myn draaien om mysels, sa fier fan dyn belangeleaze leafde, Wêzer. Mar dan is dêr dat ferhaal fan broer Frâns. Broer Frâns dy't in melaatske omearmet, spiegel fan dyn leafde, freon Jezus. Omearmje wat der net wêze mei. It ûnhuerige omearmje. My omearmje litte, Wêzer, dat is miskien it hiele heimnis fan de wei fan eangst nei leafde. Wêzer, lit my my net langer ferskûlje foar dy, net mear stikken ôfsnije dy't der net wêze meie, my net mear ferskuorre litte troch de eangst.



Rêste yn dyn leafde,  
drinke fan dyn leafde,  
hiele wurde troch dyn leafde,  
fol wurde fan dyn leafde,  
oerrinnende fol,  
oerstreamende fol.

De Sint Martinuskerke yn Reahûs. De doar is los, dat ik kin nei binnen ta. It earste dat ik sjoch is in grutte kaart op de ynformaasjetafel, mei de wurden fan Psalm 131: 'Ik ha mysels alhiel bedimme en bestille, as in ôfwend bern by syn mem. Ik ben stil geworden, ik heb mijn ziel tot rust gebracht, als een kind op de arm van zijn moeder.' De kaart is in oantinken oan it Tsjerkepaad 2005, mei as tema: 'Hûs fan God.'

Trije kear earder haw ik yn Reahûs west. Ien kear op redens, fan Winsum nei Snits. Ien kear yn de streamende rein, om koekjes en waksineljochtsjes te ferkeapjen foar World Servants. En ien kear yn tsjerke by de presintaasje fan de 'Wurden fan de Berch' troch Eppie Dam en Hindrik van der Meer. Doe waarden wy opmerksum makke op de brânskildere finsters, mei de acht lokkichprizingen dêr't Jezus' wurden fan de berch mei begjinne. Op it earste finster is broer Frâns te sjen, dy't ôfstân docht fan syn erfdiel: lokkich de earmen fan geast. Lokkich de ienfâldigen.



Werom op it bankje oan 'e Súdhoeke. Ek hjir is it no ferwûnderlik stil. Ik haw it sicht op Wommels, Nij Stapert, it hûs fan de lêste dagen mei ús mem. Hjir sit ik no, bedimme en bestille, de wyn, de sinne yn de rêch. Draait de wyn einliks nei it suden ta?



## 5. OMFOARMING YN LEAFDE - HOE HEECH EN DJIP SYN LEAFDE IS

### *Fan eigenleafde nei Godsleafde*

Omfoarming yn leafde op de geastlike wei wol sizze dat wy ús bewust wurde fan ús eigen fallyt en ús meinimme litte yn de romte fan Gods leafde, dat wy sels romte wurde foar Gods leafde. Troch alles en ússels los te litten wurde wy wa't wy wêzenlik binne, in trochskinende spegel fan dy oerstreamende leafde fan God. Kees Waaijman ûnderskiedt by de omfoarming yn leafde trije perspektiven (Spiritualiteit, 466-473): de útgeande beweging fan de siele nei God dy't har yn him lûkt, de beweging fan God nei de siel om by har te ferbliuwen en de yntimiteit fan de Geast tusken beide dy't tekene wurdt mei it byld fan it geastlik houlik.

Bernard fan Clairvaux leart ús hoe't wy op de geastlike wei groei kinne yn in ferdjipping fan eigenleafde ta Godsleafde (Werken met Spiritualiteit, 83). Ek dêryn kinne wy wer de groei sjen fan it behoefte langstme fan in bern nei de belangeleaze folwoechsen leafde. Bernard ûnderskiedt fjouwer graden fan leafde (Mystagogie vanuit de optiek van de mystieke weg, 1-4): 1. ik bemin mysels om mysels (de selsleafde: it foldwaan oan de fûnemintele behoeften, it ûntdekken fan it ik, it fielen fan 'ik mei der wêze'), 2. ik bemin God om mysels (de funksjonele religiositeit: it ynperken fan de eigen begearte, it loskommen fan it ik, de foldwaning fan it de oare yn God leafhawwen), 3. ik bemin God om God (de religieuze oerjefte: oerjefte oan belangeleaze leafde, it opgean fan it ik yn de oerjefte, mei de paradoks dat dy just mear foldwaning jout), 4. ik bemin mysels om God (de mystike ûnderfining: opgean yn de ienheid mei God, it oplossen fan it ik, it mysels ferliezen yn God).

### *Earst by jinsels wêze*

De geastlike wei is it omfoarmingsproses dat wy trochmeitsje yn de moeting mei God. Wy geane dy wei omdat wy ús oansprutsen fiele, omdat wy ús oerjaan wolle oan God, omdat wy derop fertrouwe dat wy yn de relaasje mei God ta ús doel komme, ta folle bloei komme as byld fan God. Op dy wei, yn de moeting mei God, docht alles mei wat yn ús mar minsklik is. Dêr is it spanningsfjild tusken selshanthavening en oerjefte. En dêr binne de helpboarnen en stroffelstiennen, de bergen en bedelten, de jeften en tekoarten. Ik kin ôfbûge en om mysels hinne draaie of ik kin my takeare nei God en my foarmje litte nei syn byld.

Geastlike begelieding betsjut dat wy inoar begeliede op dy geastlike wei, inoar helpe om gewaar te wurden wa't wy wêzenlik binne yn Gods eagen. Wat kin ik dêryn betsjutte foar de oar? Yn it foarste plak moat ik beseffe dat ik der yn dy moeting bin mei myn eigen wei, myn eigen proses, myn eigen omgong mei mysels en mei God. Hoe mear klearrikheid der is op myn eigen wei, nammerste mear stean ik ta beskikking fan de oar.

Earder neamde ik trije aspekten as kearn fan de geastlike begelieding: yn de romte fan Gods leafde stean, ûnderskiede wat God útwurket yn ús libben en jin tafertrouwe oan de beweging fan Gods Geast. As ik sels no net ûnbekommere yn de romte fan Gods leafde doar te libjen, hoe sil ik oaren dêr dan yn noegje kinne? As it yn myn eigen ynderlike hûs in gaos is, hoe sil ik dan romte fine foar in oar? As ik blyn bliuw foar wat der yn mysels bart, hoe sil ik dan wol sjen kinne hoe't God yn oaren oan it wurk is? As ik de werklikheid net ûnder eagen sjoch mar fêsthâld oan myn eigen konstruksjes, hoe sil ik oaren dan tichter by harren wêzen bringe kinne? As ik myn eigen plaatsjes net doar los te litten, hoe sil ik dan yn oaren wol it byld fan God foar it ljocht sjen kinne? As ik my sels net meinimme lit troch Gods Geast, hoe sil ik oaren dan oproppe kinne om harren wol ta te fertrouwen oan God? Net foar neat hat Buber sein: 'Om yn in moeting werklik útgean te kinnen nei de oar, moat men earst by jinsels west hawwe, by jinsels wêze (Dialogisch leven, 100).'

Pas as ik werklik ta mysels kom, kin ik werklik útgean nei de oar. Pas as ik werklik ta mysels kom, kin ik ûntdekke dat it yn de geastlike begelieding net giet om wat ik doch, mar om wat God troch my hinne docht. It belangrykste fan de geastlike begelieding is dêrom it transparant wurden: neat dwaan, in stapke tebek dwaan en romte meitsje, Gods Geast oan it wurk litte en net yn it paad stean, trochskinend wurde foar de leafde fan God.

### ***By mysels - tichte doarren***

Yn 1 Johannes 4: 18 stiet: 'Yn de leafde is gjin eangst, mar de folsleine leafde ferdriuwt de eangst, want eangst hat te krijen mei straf en dy't bang is, is net folslein yn de leafde.' Mar by mysels fûn ik wol eangst, dy't troch alle leafde yn myn libben net ferdreaun waard. Al wer jierren ferlyn seach ik op ynternet de preek fan Henri Nouwen yn de Crystal Cathedral oer de wurden dy't klonken by de doop fan Jezus: 'Do bist myn ynleave bern, yn dy fyn ik freugde (Mattéus 3: 17).' Dêrby sei Nouwen: 'Dy wurden jilde foar ús allegearre, dat seit God ek tsjin dy: do bist myn ynleave bern, yn dy fyn ik freugde.' En jierrenlang haw ik tocht: 'Ik leau dat dat sa is, mar it helpt my neat.' Hoefolle leafde en ferfolling ik ek fûn yn myn libben, op de achtergrûn wie der tagelyk altyd myn ûnwissichheid, in klûnte fan ûnrêst, gaos en eangst dy't my te pas en te ûnpas ferlamme.

Mei dy ûnwissichheid bin ik trije jier ferlyn de oplieding Geastlike Begelieding begûn. En ik wist dat dat in belangrike stroffelstien wie op myn wei, de klûnte dy't my ûnfrij makke, de tichte doar foar de romte fan Gods leafde. Trije jier ferlyn begûnen wy yn ús gemeente ek mei de Alpha-kursus. Dêr kamen de wurden út Romeinen 8: 14 e.f. op my ta: 'Want allegearre dy't har troch Gods Geast liede litte, binne bern fan God. Jimme hawwe ommers net in Geast krigen dy't slaven fan jimme makket, dat jim wer bang wêze soene.' De Geast fertelt ús dat wy bern fan God binne, mar ik fielde my slaaf fan de eangst. Wy seagen dêr it bekende skilderij fan William Holman Hunt 'The Light of the World' by Johannes 8: 12 en Iepenbiering 3: 20. Jezus, mei in lantearne yn de hân, kloppet oan de doar - in tichte doar sûnder kruk - en wachtet oant wy iependogge. Ik waard rekke troch de noegjende wurden en bylden fan de Alpha-kursus en de kolleezjes oer omfoarming, oer loslitten en oerjefte. Mar de doar bliuwde ticht by my, ik fielde my net dat ynleave bern fan God en ik koe net it stjoer út hannen jaan.

Wy liezen de Belidenissen fan Augustinus, syn libbensferhaal as ien lang gebed oan God. En wy dienen in oefening: ynkeare ta dyn wêzen en dan trije kertier achterinoar skriuwe, foar it antlit fan God, sûnder de pinne fan papier te heljen. Ek doe wie der dat tichte. Myn wêzen fielde as in kearn mei in hurde skyl der omhinne en iksels dêr bûten, bûten mysels. Oant ik troch dy skyl hinne sakke en op de boaiem kaam, ta rêst kaam, thúskaam, by mysels en by God. Sûnt dy tiid skriuw ik oan God.

Ik lies ek 'Mijn Levensverhaal' van Thérèse fan Lisieux. Dat wie sokke ûngewoane kost foar my as nochteren noarderling en protestant, dat ik dêr net safolle mei koe, útsein mei it byld fan de tún fan Jezus en de kowebloemkes. Mar doe't dêrnei it Heechliet op it roaster stie foar de tsjerketsjinsten, murk ik dat ik foar it earst rekke waard troch it liet fan de breid, oanhelle troch Thérèse: 'Lûk my mei, lit ús oanmeitsje - Neem mij met je mee. Laten wij rennen (Heechliet 1: 4)!' En letter wiene der kolleezjes oer in preek fan Jodokus fan Lodenstein, tiidgenoat en geastessibbe fan Anna Maria fan Schurman, oer it ferfolch fan dat fers: 'bring my yn dyn keamers, o kening!'. In preek oer it Nachtmiel, dy't de hearders mei alle mooglike krêft binnenlûke woe yn de leafde fan de Hear. En ik waard meinaam yn de beweging fan de slingertrep fan Willem fan Saint-Thierry, dat wy ús mei liif en siel en geast meinimme litte meie yn de beweging fan de leafde, lutsen en treaun troch it langstme dat God yn ús wekker makket. En dêr wiene de kolleezjes oer Fransiskus, dy't de melaatske omearmet, dy't omearmet wat der net wêze mei, as in spegel fan it evangeelje fan Jezus. Wat der yn ús eagen net wêze mei, dat mei der just yn de romte fan Gods leafde wol wêze. Op 'e nij waard ik meinaam, mar de ûnwissichheid bliuwde. Oan it ein fan de foarige simmer makke ik in wurkstikje oer de Ynderlike Boarch fan Teresa fan Avila. Ek dat rekke my, mar ek dêr bliuwde ik stykjen by de tichte doarren tusken alle romten yn de Boarch. It gebed soe dy doarren iepenmeitsje kinne. Mar myn gebed wie as it roppen fan Bartiméus, sûnder dat der beweging kaam yn it plaatsje.

### ***By mysels - leafde ferdriuwt de eangst***

It lêste jier haw ik yn de romte fan de geastlike begelieding oefene om 'by mysels' te wêzen. Ik haw de ûnwissichheid ûnder eagen sjoen en learde dy beneamen as eangst. Ik haw skreaun en skreaun, oan God en oan minsken, en skriuwendewei learde ik opnij te praten, út te sprekken wat der yn my omgong. By in bibliodrama oer Noömy en Ruth en Orpa keas ik de rol fan Orpa. Ik woe net as in braaf famke mei nei Betlehem. Ik woe ek net werom nei it âlde bestean yn Moäb. Ik bin mei myn

teannen yn de Jordaan stean gien - as de beam oan wetterstreamen út Psalm 1 - en haw tsjin God en minsken sein: 'Hjir stean ik en wachtsje oant ik wit dat ik oerstekke moat.' Letter wie der in jûn dat ik my sa opsluten fiede en sa útseach nei befrijing, dat ik Exodus 3 opsocht haw. Ik haw dy wurden lêzen, hieltyd mar wer, en doe ûnderfûn ik eat fan it heimnis fan de dialooch dêr't wy op de geastlike wei ynluften wurde: God heart en sjocht ek my. Dêr earne bin ik oerstutsen, al sit Egypte my noch yn it bloed. De Advintstiid wie begûn en wy liezen yn tsjerke oer de ballingen dy't weromkamen út Babel en oer Jesaja dy't oprôp: 'Meitsje in wei yn de woastyn foar de Hear.' En ik makke in wei. Geandewei doarde ik my út te sprekken, tsjin God en tsjin de minsken. Geandewei oefenje ik om my net te ferskûljen achter moaie plaatsjes, mar der te wêzen sa't ik bin, ek mei datjinge dat der net wêze mocht. Mei de Kryst gong it oer Sacharias, de heit fan Johannes de Doper dy't net mear prate koe. It ferhaal krige ynienen in nije betsjutting foar my. It wie net foar straf dat Sacharias net mear prate koe, mar der kinne omstannichheden wêze dy't minsken sprakeleas meitsje, mei stommens slane. En it feest fan de Kryst is dat dat swijen trochbrutsen wurdt mei in lofsang fol ljocht en leafde en belofte. Yn dy lofsang kinne wy elkoar meinimme, dy lofsang kinne wy foar elkoar geande hâlde as guons net mear sjonge kinne.

Jierrenlang haw ik besocht om tiid en romte te meitsjen foar stilte, gebed en skriftlêzing. Sûnder folle resultaat, want de ûnrêst wie te grut. Ik fiede my ferstruid en ferskuord. Ik wie betiden nearne, koe dan allinne mar wachtsje op bettere tiden, dy't der - sa wist ik út ûnderfining - lokkich ek faak genôch wiene. No hie ik it skriuwen as foarm fûn. Fan Ety Hillesum learde ik om ta mysels en ta God te kommen, om mysels skriuwendewei byinoar te fandeljen en om goed foar God yn mysels te soargjen, om God net allinne de triennen te bringen mar ek de blommen, net allinne it fertriet mar ek de freugde (Spiritualiteit als inzicht, 135). Ik learde de klûnte yn my ûnder eagen te sjen. Ik learde te sjen dat dy gaos, ûnrêst en eangst djippere woartels hiene, dat op myn libbenspaad de leafde oanfochten rekke wie. Dat ik my dêrtroch minderwaardich fiede, opjage troch hege easken en opsluten yn mysels. Mar boppe alles learde ik dat ik der wêze mocht, no net allinne yn teory mar ek yn praktyk. Ik lear dat ik my omearmje litte mei, ek it ûnhuerige yn my. Ik lear om barmhertich nei mysels te sjen en it oardieljen los te litten. Ik lear om iepen te gean, om de leafde fan God en minsken oan te nimmen.

De ûnrêst en de eangst binne net ferdwûn. Omdat der iepenheid komt komme se betiden just fûler op my ôf, lykas it leger fan de Egyptners de Hebrieuske slaven op de úttocht achterfolget. Dit jier wie ik - mei dy hiele betide Peaske - foar ien kear jierdei op Goed Freed. En ik waard fyftich. In gearrin fan omstannichheden dy't yn my ropt om in perfeksjonistysk plaatsje: tenei sil alles better gean. Sa kaam dy Peaskemoarn dat ik winske dat dy dei sûnder skuorren wêze soe. Mar dat wie fansels net sa. Ik moat noch in protte leare, hieltyd op 'e nij. Leare om myn plaatsjes los te litten en my oer te jaan oan de leafde fan God. Leare om hiel bewust yn de romte fan Gods leafde te stappen en de eangst fuortdriuwe te litten. Leare om yn mysels te omearmjien wat der net wêze mei yn myn eagen. Leare om de ûnrêst en de skuorren by God te bringen.

Doe wie dêr ynienen dat ferhaal fan Bartiméus wer. En no net mear mei de Bartiméus foarop dy't oan de kant om meilijen ropt, mar de Bartiméus dy't mei wiidiepen eagen de wrâld ynsjocht. Sa ûnderfyn ik omfoarming ûnderweis, al bliuwt de wei fan eangst nei leafde in libbenslang proses.

### ***Minsklik fallyt en ta bloei komme yn God***

By Teresa fan Avila giet de reis yn de Ynderlike Boarch troch sân ferbliuwen. Yn de earste trije ferbliuwen giet it benammen oer de fraach oft jo de stap doare te setten, oft jo de wei nei binnen, nei God gean wolle, stap foar stap. Dêr is benammen ek de striid mei de wylde dieren, de drokte en noed en soargen dy't ús yn de greep hâlde. Yn it fjirde en fiifde ferbliuw is de belangrykste fraach: bliuwe wy dwaande mei ússels of sjogge wy hoe't God yn ús oan it wurk is. Doare wy Gods leafde ta te litten? Doare wy mei lege hannen te libjen? De klam leit minder op wat wy dogge om de wei nei binnen te gean as op wat God docht om ús nei binnen te lûken. Op de wei nei binnen is dat in belangryk aspekt, de ferhâlding en omkear tusken aktiviteit en passiviteit. Mei lege hannen libje betsjut dat wy ús libben net bouwe op ús eigen aksje, mar dat wy libje út wat God ús jout. Sa't yn it ferhaal fan Maria en Marta dúdlik waard (Lukas 10: 38-42). En just troch passyf te wurden, ús oer te

jaan oan God, kinne wy op in nije wize aktyf wurde. Sa't Master Eckhart sei: 'Pas as de hilligen hillich wurde, begjinne se deugdlik te wurkjen.'

Yn it fjirde ferbliuw brûkt Teresa it byld fan wetterlieding en boarne, om de rykdom fan omfoarming yn leafde oan te jaan (Verkenning van de Innerlijke Burcht, 78). De wetterlieding, dy't wy as minsken mei in protte ynspanning sels oanlizze, dêr kin net mear as safolle wetter trochhinne. Us aksje jout net mear as in beheinde foldwaning. Mar as wy ús oerjouwe oan Gods dwaan en litten, komme wy by de boarne, by it geniet fan in ûneinige en oerrinnende stream. Dêr feroaret it benypte yn ferromming, de benearing yn frijheid. Yn it fiifde ferbliuw is de fraach: wolle wy echt loslitte? Hjir brûkt Teresa it byld fan rûp, kokon en flinter, in lytse wite flinter (Verkenning van de Innerlijke Burcht, 116). Troch it gebed bouwe wy ús in hûs, lykas de rûp in kokon. Yn de kokon stjert de rûp en komt as flinter foar it ljocht. Sa stjerre wy yn Kristus en wurdt ús siele werberne yn God (vgl. Kolossers 3; 3-4). Sa wurde wy yn de folle stream fan Gods leafde brocht. De siele wurdt as waaks yn Gods hannen, God oarderet har yn syn leafde. Sa fynt de flinter rêst yn God, mar fladderet tagelyk ûnrêstich rûn, om't se gjin hâldfêst mear fynt yn de wrâld.

Dizze omfoarming hat mei ús hiele wêzen te krijen, mei ús hiele bestean yn al syn aspekten: somatysk, psychysk, sosjaal en spiritueel. Leech wurde, mei lege hannen libje, ús fallyt betsjut net dat wy as minske ferdwine, mar dat ús bestean yn al syn aspekten fernijd wurdt. It fallyt betsjut dat wy net mear sels ús libben oarderje neffens ús eigen idealen, mar dat wy as waaks yn Gods hannen wurde en ús foarmje litte nei syn byld. Ek it ta bloei kommen as byld fan God is net in wrâldfrjemd barren. Mar it betsjut dat wy ta bloei komme, lykas de rûp ta nij libben komme, elk op ús eigen wize, mei alle jeften en mooglikheden dy't God yn ús lein hat. Foar elk mins ferrint dat proses oars en foar elk mins is it in libbenslang proses. In proses fan loskommen fan ideaalbylden en jin foarmje litte troch God. In proses fan ûntdekken wa't ik werklik bin, fan groeien en ta it doel kommen: wurde wa't ik bin yn Gods eagen.

As foarbyld wol ik neame wat ik geandewei as paadwizers yn myn proses ûntdutsen haw, wat my helpt om myn eigen plaatsjes los te litten en te ûntdekken wa't ik wêze mei yn Gods eagen: 1. hieltyd wer oefenje om ta mysels en ta God te kommen, 2. my tafertrouwe en foar it ljocht komme, 3. ferbûn bliuwe mei mysels (net bûten mysels reitsje mar libje fan de ynderlike rezjy út), 4. de eangst ûnder eagen sjen én de ôfwar (harnas, flechtsjen) én it gefoel dat dêr ûnder ferburgen sit, 5. mei myldens oansjen hoe't ik wer yn de falkûlen bedarje, 6. de krêftige oare wêze foar it bange minskebern yn my, 7. en geandewei de eangst wei wurde litte.

### ***Wy bliuwe begjinner***

In falkûle. Op de wei fan ferdjipping fan eigenleafde ta Godsleafde bedarje ik samar wer yn in falkûle. Ik foarmje my in plaatsje fan hoe't dizze wei fan omfoarming der útsjen moat. Hoe't ik mysels loslitte moat en hielendal fan God út libje moat, folslein yn leafde wêze moat lykas God folslein yn de leafde is. Sa stiet it dochs yn de bibel. En geandewei reitsje ik samar wer betize yn in ideaalbyld dat my bynt en ta slaaf makket, mar my net omfoarmet yn leafde. Omfoarming yn leafde betsjut, leau ik, dat wy derop fertrouwe dat wy der foar God wêze meie sa't wy binne, mei al ús aspekten en yn al ús stadia. De mins yn my dy't freget om de foldwaning fan har behoeften mei der wêze. De mins yn my dy't foldwaning fynt yn de leafde foar God en de minsken om har hinne mei der wêze. De mins yn my dy't har oerjaan wol oan God en genietet fan dy oerjefte mei der wêze. En de mins yn my dy't har hielendal ferliest yn God mei der wêze.

Wy bliuwe begjinner. Folslein wêze yn de leafde betsjut net dat ik in ideaal leafdefol mins wurd, mar dat ik yn alles iepen en trochskinend wurdt foar Gods leafde. Ik tink wer oan de slingertrep fan Willem fan Saint-Thierry. Yn de sirkelbeweging komme al dy aspekten yn ússels elke kear werom. Mar yn de spiraalbeweging kinne wy mear en mear ûntdekke hoe lang en breed, hoe heech en djip de leafde fan Kristus is. 'Sa wurde jimme fol oan alle folheid ta dy't God jout (Efeziërs 3: 18-19).'



Woansdei 28 maaie 2008 – iepengean foar de oerstreamende goedens



It piipkrûd is hast útbloeid. It gers stiet heech yn de bermen. De bûterblommen bûge yn 'e wyn. Ik bin fan Reahûs oer Greate Wierrum rûn en lis no op de trijesprong fan Mollum yn de berm. De wynmûne hat it drok yn de hurde wyn, foar ien dei út it súdeasten.

Yn it gers lei hjir in nûmer fan it blêd 'Tradysje', fan it Nederlânsk Sintrum foar Folkskultuer. Dat ik haw niis it ferhaal lêzen fan Sint Joaris en de draak. Sint Joaris tsjinne oan it ein fan de tredde ieu as offisier yn it Romeinske leger ûnder Diocletianus en stoar yn 303 as tsjûge fan Kristus.

De wyn waait dêr't er hinne wol. Ik haw opsocht wêr't dat stiet, Johannes 3, yn it petear fan Jezus en Nikodémus. Jezus seit: 'De wyn waait dêr't er hinne wol, en jo hearre syn lûd, mar jo witte net wêr't er wei komt en wêr't er hinne giet; sa is it ek mei elk dy't berne is út 'e Geast.'



As ik oerein kom sjoch ik Swanwert lizzen, ûnder Wiuwert, it plak dêr't ik berne bin. En ik wit dat myn wei hjir giet fan de widze nei it grêf. Mar yn it libben út de Geast is it in heimnis wêr't ik weikom en wêr't ik hinne gean.

Blau Pann' Dykhûs. Twa hazzen boartsje yn it lân. Efkes fierderop is der noch ien, mar dy draaft gau fuort as er my sjocht. Ik haw ek al wer trije stiennen guozzen sjoen. De boeren kleie dat der te folle guozzen binne.





Op in bankje by it spoar. Ik haw krekt útrekkene dat ik yn de tiid fan de middelbere skoalle in stik as 9500 kear op de fyts oer dit spoar kommen bin, by Wiuwert, Boazum, Skearnegoutum en Snits, hinne en wer werom.

Ik sit op it âlde tsjerkepleintsje yn Boazum, achter it kafee. Ik haw krekt in rûntsje troch it doarp makke. Hjir lâns de grifformearde tsjerke dy't der net mear is, om de âlde Sint Martenstsjerke hinne, de grêfstiennen besjoen, nei de âlde kristlike skoalle dêr't wy hinnegongen en lâns it evangelisaasjekaal, dat no in wenhûs is. En no werom op dit pleintsje foar ús âlde tsjerke dy't der net mear is. Allinne mar in doar dy't iepen stiet.



Hoe is it dochs mooglik, Wêzer, dat wy yn dyn namme sa ferdield reitsje kinne? En no is der noch mar ien tsjerke en mar in hantsjefol minsken dy't dy dêr siket. En al dy oaren? Wat sykje dy? En wat fine dy?



Snein haw ik in plant mei nei tsjerke ta naam, Wêzer. Dy hie ik ek mei yn maart, by de bidstûne foar gewaaks en arbeid. Doe fertelde ik oer de arbeiders yn de wyngerd, oer de earsten dy't mei boaze eagen nei de lêsten seagen en oer de hear dy't mei goede eagen nei harren seach. Sa bisto, Wêzer, mei oerstreamende goedens sjochsto ús oan.

En dy plant? Dy wie op stjerren nei dea. Want ik hie der net goed foar soarge. Hy hie in te lytse pot, te min ierde en te min wetter.

Nei de bidstûne haw ik de plant yn in gruttere pot setten mei farske ierde en ik haw him genôch wetter jûn. En no, twa moanne letter, hie der in protte nije bledsjes krigen en seach er der de helte better út. Sa kin it mei ús gean, Wêzer, as wy iepengeane foar dyn oerstreamende goedens. Sa kinne wy yn 'e bloei reitsje.

Werom yn Greate Wierrum. Ik draai de dop fan myn wetterflesse en de wyn blaast dêr samar in moaie toan út. Oer de dyk fljocht in lytse wite flinter.



Ik haw ek efkes yn Lytsewierrum sjoen, dat trouwens grutter is as Greate Wierrum. In lytse terp dêr't eartiids in tsjerke op boud waard, lykas op safolle oare terpen. Safolle romte foar dy yn ús bestean, Wêzer, dy't no fierhinne yn ûnbrûk rekke is.



Hear Jezus, freon, tusken Peaske en Pinkster hawwe wy yn tsjerke út it Johannesevangeelje lêzen en yn it bibeloere dêr oer praat. Wy hawwe it hiele evangeelje lêzen. Wat my opfoel, yn it earste part, wie de wjerstân, freon Jezus, dy't dyn oanwêzigens oprôp. En wat my opfoel yn it twadde part, wie de leafde, freon Jezus. Do hast dyn leafde bewiisd oan it uterste ta. De leafde en de freugde en de hearlikheid. En de ienheid, freon Jezus, it ien wêzen fan dy en de Heit en de Geast en wy. Dat nimt my mei, dat is myn langstme, yn dy ienheid wol ik libje. Mar do moast my dêryn bewarje.



Dêr is dy oare kant,  
freon Jezus.

Dyn oprop ta leafde  
midden tusken de tekens  
fan ferrie en ferleagening.

Dyn oanstriid en dyn eangst.

Omdat wy ús ôfkeare,  
omdat wy dy ferlitte,  
omdat wy bûten ússels,  
bûten dy,  
bûten de leafde en it ljocht reitsje.



Wêzer, ik kin net oars en ik wol net oars as hielendal iepen wêze foar dy. Leech wurde fan mysels en fol wurde fan dyn leafde. Yn alle oanstriid, hâld my fêst.

## 6. OMFOARMING YN HEARLIKHEID - LIBBEN FOARBY DE DEA

### *Omfoarming yn hearlikheid*

Yn neifolging fan Jehannes fan it Krús makket Kees Waaijman ûnderskie tusken omfoarming yn leafde en omfoarming yn hearlikheid (Spiritualiteit, 473-478). Omfoarming yn hearlikheid is ús omfoarming yn God foarby de dea. Eins witte wy dêr neat fan, mar wy fine in skets dêrfan, in foarpriuwke yn de omfoarming yn leafde. It giet om de folsleine oerjefte oan God, oan syn leafde, oan de beweging fan syn Geast. En de kearside dêrfan is ús folsleine ferneating, it totale loslitten fan ússels. As totale leechte en ûnpeilber langstme wurde dy twa kanten by Teresa fan Avila tekene (Verkenning van de Innerlijke Burcht, 182). It eigenlike momint fan omfoarming wurdt troch Jehannes fan it Krús en oaren ferwurde mei it byld fan de donkere nacht. Us kaartehûs stoart yninoar en ús libben wurdt nij foarme yn God. Dat is tagelyk it muoilikste en it moaiste dat in mins oer komme kin op de geastlike wei. It is it meast iensume aventoer fan de mins en tagelyk it foargoed thúskommen yn de mienskip fan Gods leafde. De apostel Paulus skriuwt: 'Mei Kristus bin ik oan it krús slein en sels libje ik net mear, mar it is Kristus dy't yn my libbet (Galatiërs 2: 19-20).'

### *Hearlikheid yn de bibel*

Wolk en fjoer en in strieljende glâns binne yn de Tenach it byld fan de hearlikheid fan God (kabod - de gruttens, de gloarje fan God). Wy sjogge dat yn Exodus 24 en 34 as God in ferbûn slút mei Israël, as God oan Moazes ferskynt en hy mei in ljochtsjend antlit fan de berch Sinaï komt. Wolk en fjoer binne ek yn de tabernakel (Exodus 40: 34-38), de romte fan God, en letter yn de timpel (1 Keningen 8: 11, Ezechiël 10: 4).

Dy hearlikheid wie ek yn Jezus. Mattéus fertelt yn de skiednis fan de ferhearliking op de berch hoe't Jezus foar de eagen fan de learlingen fan oansjen feroaret. Syn gesicht strielet lykas de sinne en syn klean wurde wyt as it ljocht (17: 2). Yn Johannes 1: 14 stiet: 'It Wurd is minske wurden en Hy hat ûnder ús wenne, fol fan leafde en trou; wy hawwe syn gloarje (doxa) sjoen, in gloarje sa't Er dy as Ienlingssoan fan syn Heit krige hat.' En as de hegepryster by syn feroardieling freget oft hy de Kristus is, dan seit Jezus: 'Ja, dat bin Ik en jimme sille de Minskesoan sitten sjen rjochts fan de Almacht en kommen sjen mei de wolken fan 'e himel (Markus 14: 62).'

Mar de hearlikheid fan God ferskynt troch de dea hinne. Yn it Johannesevangeelje sjogge wy dy omkear it dúdlikst yn haadstik 12: 27-29. Jezus is tige oandien. Troch inoar skodde stiet dêr letterlik (tarasso), betize troch skrik en eangst. Jezus is deadsbang, stiet der yn de nije Nederlânske bibeloersetting. 'Wat sil ik sizze?' freget Jezus him ôf, 'Heit, rêd My fan dizze oere? Mar dêr bin Ik just foar kommen: foar dizze oere. Heit, lit jo hearlikheid sjen.' Dan komt der in stim út de himel: 'Ik haw myn hearlikheid sjen litten en Ik sil dat noch wer dwaan.' As in tongerslach klinkt dy stim foar de omstanners of as de stim fan in engel.

Yn it twadde part fan it Johannesevangeelje komme ferhearliking en hearlikheid faak werom. Yn de wei dy't Jezus giet wurdt God ferhearlike en op de wei dy't Jezus giet wurdt hy ferhearlike troch God. En yn dy wei, yn dy hearlikheid wurde de learlingen belutsen. Dat hat twa kanten. Fuort nei't Judas oanwiisd is as ferrieder, seit Jezus: 'No is de Minskesoan ferhearlike (13: 31).' Mar yn de gelikenis mei de druvebeam seit Jezus: 'As jimme mei My ferbûn bliuwe en oan myn wurden fêsthâlde, freegje dan, wat jimme mar wolle en jimme sille it krije. Dêr wurdt myn Heit mei eare (ferhearlike), dat jimme gâns frucht jouwe en dan sille jimme myn learlingen wêze (15: 7-8).' It grutte gebed begjint Jezus mei de wurden: 'Heit, de tiid is kommen; ferhearlikje jo Soan, dat de Soan Jo ferhearlikje mei (17: 1).' En letter seit Jezus oer de learlingen: 'Ik haw harren de hearlikheid jûn dy't jo My jûn hawwe, dat se ien wêze meie lykas Wy ien binne; Ik yn harren en Jo yn My, dat se folslein ien wêze meie, dat de wrâld ynsjen mei dat Jo My stjoerd hawwe en harren leafhân hawwe lykas Jo My leafhân hawwe (17: 22-23).'

Sa't Jehannes fan it Krús de omfoarming yn leafde tekenet as skets, as blinkje of foarpriuwke fan de omfoarming yn hearlikheid, sa skriuwt Efeziërs oer de jefte fan de Geast: 'Yn Him (Kristus) binne jimme ek fersegele, nei't jimme ta it leauwen kommen wienen, troch de hillige Geast dy't Hy tasein

hie. Dy Geast is de garânsje (oanbetelling, ûnderpân) fan wat wy krije sille. Sa ferlost God syn eigen folk, dat wy syn hearlikheid priizje meie (1: 13-14).

### ***Oanstriid, ûnrêst en de donkere nacht***

Teresa fan Avila sprekt oer de twa kanten fan it lêste ferbliuw yn de Ynderlike Boarch: de totale leechte en in ûnpeilber langstme. Elke kear as minsken fertelle oer dy lêste omfoarming yn God, binne der op ien of oare wize dy twa kanten fan de medaille, as in mystike anty-frase: de rêst en de ûnrêst, de leafde en it lijen, de oanstriid en de ferlossing, de donkere nacht en it heldere skôgjen fan God, de iensumens en de mienskip, it stjerren oan jinsels en it nijberne wurden yn God. It sintrum fan ús bestean leit net mear yn ússels, mar yn God, yn de folsleinens fan Gods leafde. Mar tagelyk is der noch dat minsklike wêzen, dat nei lichem, siele en geast noch bûn bliuwt oan ús ûnfolsleine bestean. Om hielendal op te gean yn de romte fan Gods leafde, moat alles yn ússels omfoarme wurde, moatte wy stjerre oan ússels. Jehannes fan it Krús brûkt it byld fan it hout yn it fjoer. Yn it fjoer fan Gods leafde wurdt it hout fan it minsklike wêzen ferwaarme oant it sels fjoer wurdt. Mar yn dat fjoer wurdt it hout tagelyk ek fertard.

Van Egmond sprekt oer de aspekten fan de grûnûnderfining fan minsken yn it leauwen (Heilzaam geloof, 200 e.f.). Hy neamt as kearn de ûnderfining fan it ferlern wêzen, de belofte en de ferantwurdlikens foar de skepping. De assosjaasje fan dizze aspekten mei de trije grûnwurden fan de Heidelberger Kategismus - ellinde, ferlossing en tankberens - leit foar de hân. Mar Van Egmond neamt (yn neifolging fan Oswald Bayer) noch in fjirde aspekt: de oanstriid. De oanstriid, dat is it grutte fraachteken yn ús bestean achter de belofte, de tsjinspraak yn ús bestean tsjin de befrijing fan God. Lykas by Van Egmond de oanstriid ynfoege wurdt tusken de trije grûnwurden fan ferlern wêzen, belofte en ferantwurdlikens, sa wurdt - benammen troch Jehannes fan it Krús - de donkere nacht ynfoege tusken de trije bekende grûnwurden út de mystyk: lottering, ferljochting en folsleinens.

Wy kinne de ûnrêst yn ús bestean net omsile mei in rêstich leauwen of in fêste lear. Teresa fan Avila fertelt oer de siele as in flinter dy rêst yn God, mar tagelyk ûnrêstich omfladderet, om't se gjin hâldfêst mear fynt yn de wrâld. Dietrich Bonhoeffer beskriuwt syn ûnderfining hoe't God ús lokket en achternei sit, ús meisleapt om de wei fan leafde én lijen te gean: 'Fan God net mear loskomme kinne, dat makket it libben fan elke kristen sa benearjend ûnrêstich.' Dy ûnrêst is ûnskiedber ferbûn mei ús minsklike bestean yn dizze troch it kwea oanfochten wrâld. Just dit lêste jier rekke it my hoe't ek yn Jezus as mins mei de minsken dy ûnrêst meigiet oan de ein ta. Hoe't hy trochinoar skodde rekket by it ûnder eagen sjen fan syn wei (Johannes 12: 27), hoe't er skriemt om Jeruzalem (Lukas 19: 41), benaud wurdt en bloed swit op de Oliveberch (Lukas 22: 44) en ropt oan it krús (Mattéus 27: 46): 'Myn God, wêrom hawwe Jo My ferlitten?'

### ***Oerstreamende goedens***

Earne yn dy donkere nacht is der dan it heldere skôgjen fan God, earne op dy iensume wei is der it thúskommen yn de leafde fan God, earne yn it stjerren fan de mins is der it wûnder fan it nijberne wurden yn God. Earne yn de fernedering fan Jezus oant yn de dea is der de ferheging dy't binnenbringt yn de ivichheid fan Gods ljocht en leafde. Paulus skriuwt yn 1 Korintiërs 13: 'No sjogge wy noch ûndúdlik yn in spiegel, mar dan each yn each. No ken ik ûnfolslein, mar dan sil ik folslein kenne, lykas God my ken.' En yn 2 Korintiërs 3: 18 skriuwt hy: 'Wy allegearre no, dy't mei in ûnbedutsen gesicht de hearlikheid fan de Hear as yn in spiegel oanskôgje, wurde nei itselde byld fan uterlik feroare, wat langer wat hearliker; troch de Hear ommers, dy't Geast is.'

De leafde fan God is sûnder betingsten. Hja hinget net ôf fan hoe't wy binne of wat wy dogge. God is ús skepper, God hat 'ja' tsjin ús sein, God hâldt fan ús as syn bern en wol ús yn Kristus ta ús doel bringe: libje yn de folsleine ienheid fan Gods oerstreamende leafde. De leafde fan God is ûnberonge, sûnder mjitte. God is net oan it mjitten hoefolle oft wy fertsjinne hawwe om hokfoar reden dan ek. God partet de leafde om fan de ûnpeilbere oerstreamende boarne fan syn goedens út.

In prachtich foarbyld dêrfan fyn ik de gelikenis fan de arbeiders yn de wyngerd (Mattéus 20: 1-15). Wy kinne of wolle lykas de arbeiders net oars as mjitte en weagje hoefolle elk fertsjinne of net

fertsjinne hat yn dit bestean. Wy besjogge elkoarren (en ússels?) mei boaze eagen. 'Mei kweade eagen' stiet der, itselde wurd as yn it Us Heit: ferlos ús fan de kweade. Dy kweade eagen liede ta in benaud bestean, dêr't wy inoarren en ússels it goede net gunne. Mar God is goed, God sjocht mei goede eagen nei ús, mei oerstreamende goedens. Wêrom moatte wy dan mjitte en weagje? Omdat wy bang binne dat wy tekoart komme. Sykjend nei selsbehâld meitsje wy eangstich de balâns op en mjitte wy wat elkenien krijt en fertsjinne hat. Mar Gods goedens is sûnder mjitte, want streamend út de boarne fan leafde. Dy leafde sjogge wy yn Jezus. Dy leafde ferdriuwet de eangst, dy leafde siket gjin selsbehâld, dy leafde ferliest harsels hielendal yn God, dy leafde is it libben yn God. As minsken dy't sa hurd skreppe foar de tsjerke in bytsje fan dy leafde hawwe, seit Jehannes fan it Krús, dan wurket dat folle mear út as alles dêr't hja harren fierders sa foar ynspanne (Verkenning van de Innerlijke Burcht, 192).

### ***Wurkdoel en eindoel***

As ik lês en hear oer it proses fan omfoarming, dan krij ik betiden it gefoel: sa fier bin ik noch net. Tagelyk leare wy dat dy fraach just op de geastlike wei der net ta docht. It giet der net om hoe fier oft ik bin, mar wat God útwurket yn myn bestean. It 'measte' dat ik op de geastlike wei berikke kin is myn fallyt, stjerre oan mysels en libje yn God. En just dat leart my dat ik altyd begjinner bliuw. Ut mysels bliuw ik om mysels hinne draaien. Allinnich as Gods leafde my lûkt en triuwet kin ik foarme wurde nei it byld dat God foar eagen stiet.

De woastynfaars meitsje ûnderskie tusken wurkdoel en eindoel op de geastlike wei. As wurkdoel (skopos) sjogge hja de suverens fan hert, lykas Jezus dy ek neamt yn de lokkichprizingen. Dat is itjinge dêr't ik my aktyf op talizze kin, mei geastlike oefeningen, mei bidden en wurkjen, mei skriftlêzing en selsûndersyk, mei neistenleafde en in deugdsum libben. Suverens fan hert betsjut: net om mysels sirkeljen bliuwe mar my nei God ta keare, iepen en leech wurde, mysels ferlieze, trochskinend wurde. As eindoel (telos) fan de geastlike wei neame hja it skôgjen fan God, de folsleinens yn de leafde, it ivige libben, it keninkryk fan God. Dat is eat dat wy net berikke of fertsjinje kinne, dat is in genedejefte fan God. It iennige dat wy dwaan kinne is dus leech wurde sadat wy fol wurde kinne fan Gods Geast, transparant wurde, sadat Gods ljocht en leafde troch ús hinne skine kinne.

Hoefier oft wy binne is dus net in fraach fan de geastlike wei. Wol kinne minsken ferskillende ûnderfiningen opdwaan op de slingertrep fan de geastlike wei. Minsken kinne op ferskillende wize mear of minder fêst sitte yn harren selsbelutsenheid, wol of net leech wurde en trochskinend wêze foar God. It is belangryk om dy ferskillen te ûnderskieden, te ûnderskieden hokker jeften elk fan God krijt en krigen hat. Dat jildt benammen ek yn de geastlike begelieding. Wy kinne elkoarren helpe te ûnderskieden hoe't wy iepen en trochskinend wurde kinne foar God en hoe't de jeften fan Gods Geast yn ús en troch ús hinne wurkje. Mar yn dat proses jildt: de iene kin de oare net fierder helpe as hy of sy sels is. Yn dy sin is it belangryk om ús eigen mooglikheden en grinzen ûnder eagen te sjen. Mar ek om yn beweging te bliuwen op de wei. Teresa fan Avila skriuwt just as it om de binnenste ferbliuwen fan de Ynderlike Boarch giet: as men troch God oanrekke wurdt moat men net werom krûpe yn de sûndige skulp mar yn beweging bliuwe, foarút gean op de wei.

### ***In foarpriuwke***

Wy wurde nei it byld fan Kristus feroare, skriuwe Paulus yn 2 Korintiërs 3. Wy ûndergeane in metamorfoaze, stiet der letterlik, nei it byld (de ikoan) fan Kristus, fan hearlikheid oant hearlikheid. Dy metamorfoaze kin pas folmakke wurde as wy by ús dea hielendal losmakke wurde fan ús eigen bestean en hielendal opgeane yn de leafde fan God. Tagelyk is der yn de jefte fan de Geast al it ûnderpân, in foarpriuwke fan dizze omfoarming yn hearlikheid. Want troch de Geast wurdt ús bestean no al sa fernijd dat wy sizze meie: 'Sels libje ik net mear, mar it is Kristus dy't yn my libbet.' Dizze metamorfoaze is de meast iensume wei fan in minske en tagelyk is it de wei dy't ús wêzenlik en foargoed ferbynt mei God en mei elkoar. De metamorfoaze fan eangst yn leafde.

Tiisdei 3 juny 2008 – oant it boatsje losmakke wurdt



It waar is omslein. De dei is begûn mei ûnwaar en de wyn komt út it súdwesten. Tongerloften driuwe om my hinne. Ik bin op de fyts op wei nei Boazum, it begjin fan myn lêste kuiertocht. Fan Winsum nei Boazum kom ik troch Wiuwert. Dêr sit ik no op it tsjerkhôf, beskûle tsjin de tsjerkemuorre, it ûnwaar ôf te wachtsjen. Ik sjoch út op de grêfstien fan ús heit en mem. En fan ús lytse suske, dat stoarn is foar't hja berne wie. En as ik om de bear hinne sjoch, sjoch ik ús âlde pleats troch de beammen hinne.



It begjint te reinen. No eazet it, mar ik stean fierhinne droech yn myn hoekje tsjin de bear. Ik tel de tiid tusken de wjerlocht en de tonger - trije tellen - en de tsjerkemuorre trillet tsjin myn rêch. Foar my stean twa âlde grêfstiennen, mei moas oerdutsen.

Minsken loslitte, bannen losmeitsje, dierbere bannen, bannen fan leafde en pine, freugde en ferriet. Sa giet de wei fan de mins. Eddy Hillesum brûkt it byld fan in boatsje. Alle lading oan board bringe en wachtsje, wachtsje oant it boatsje losmakke wurdt, oant it boatsje fuordriuwt, wa wit wêrhinne.

Sa is ús boatsje, sa binne wy der foar dy, Wêzer. Net de bannen dy't wy weevje yn dizze wrâld binne ús hâldfêst, ús lêste hâldfêst, hoe kostber ek, mar de see fan dyn leafde dêr't ús boatsje op driuwt en de wyn fan dyn Geast dy't ús bringt dêr't er it wol. It ûnwaar hâldt my hjir fêst om my los te meitsjen.



De klok slacht tolve oere. It lûd gûnzet noch lang yn myn earen troch. De klok fan Britswert begjint te lieden, mar hjir bliuwt it stil. Allinnich noch it rûzjen fan de lêste rein op de blêden. It begjint te ljochtsjen, mar dan komt der dochs noch ien tongerslach. Stadichoan wurdt er wei.



By de Beatrixbeamkes komt de Slachte achter Boazum wei út it lân wer op 'e dyk. Ik sit no te skûljen yn it bushokje by de Yndyk om't der op 'e nij grauwe drippen begjinne te fallen. It reint lij wetter.

Justerjûn hawwe de âlderlingen my freonlik útlake, omdat ik my wer tefolle útsloovje. En hja hawwe gelyk. Ik kin it mar net litte om te tinken, dat fan alles en noch wat fan my ôfhinget. Ik kin it mar net litte om te tinken, dat ik mysels wiermeitsje moat, dat ik wol wat sjen litte moat. Mar dat hoecht allegearre net, Wêzer. Ik hoech allinne mar in stapke tebek te dwaan en romte te meitsjen, foar dyn ljocht en dyn leafde. No is it wer droech en de sinne komt der hast troch. Ik fiel de waarme, fochtige lucht, fol fan de rook fan wiete ierde en grien, as earmen om my hinne.

Easterwierrum. Op in bankje oan it plein. In reidhintsje op 'e kant ropt oan syn iene pyk, dy't yn it einekroas omswimt. In kikkert kweaket lûd en de akoestyk is hjir geweldich. It pykje klimt op de wâl en begroetet de âlder.

De âlder jeit de pyk soarchsum nei it oare ein by de brêge en dêr dûke se tegearre wer yn de feart.





Dillesyl.

It wurdt no kâld  
en griis en wynderich.  
It ein fan de Slachte is yn sicht.  
It is genôch.

En wat  
hat dizze reis my brocht?  
Ik wit it net.  
No kin ik it net betinke.

Mar yn my is der rêst,  
eat fan frede  
en fan stilte,  
Wêzer,  
eat fan driuwen op dyn stream.

Wêrhinne  
wit ik net,  
dat hoecht ek net.

Mar nim my mei

en bring my  
wêr't ik wêze moat.

Raerd. By it rûntsje om de tsjerke kom ik by in tinkstien: 'Ein fan 'e Slachte kuier.' No sit ik op in bankje yn de poarte fan it Raerderbosk. As studint-assistinte haw ik eartiids it register makke by in nije útjefte fan de dissertaasje fan professor Firet. It wie noch yn de tiid fan foar de kompjûter en it ferge in protte hânwurk. Elke kear as ik it boek trochwurke hie kaam ik wer by dy lêste wurden: 'Elk ein is in begjin.'



En no sit ik hjir, Wêzer. Foar my is der in wiidiepen poarte. En foar my is der in wei.

Ik hear de roeken. Sy fertelle my dat de wylde dieren der noch altyd binne.

En ik hear de reagers. Sy fertelle my fan de fisker dy't stil en oandachtich op de rotspunt nei de fisken sjocht.

Sa wol ik sjen, Wêzer, mei oandacht libje.

De tinzen yn my opfiskje dy't fan dy komme. En al it oare swimme litte: alle moaie plaatsjes dy't fan mysels komme en alle ferstruiede en ferskuorrende tinzen dêr't de tsjinstanner my mei oanfjochtet.



Wêzer

de roeken  
meitsje it measte kabaal  
en se roppe yn my  
oan de eangst

mar  
ik sil my rjochtsje  
nei dy

Wêzer

hearre  
nei dyn stim  
gean yn de romte  
fan dyn leafde  
my foarmje litte  
yn dyn hannen  
my meinimme litte  
op de stream fan dyn Geast

yn de namme fan Jezus

## 7. EVALUAASJE - ELK EIN IS IN BEGJIN

### *Rispinge*

It is no sneintemiddei. It is in prachtige simmerdei en ik sit yn de tún te skriuwen yn it skaad ûnder de parrebeam. De fûgels sjonge, de brêge draait, bern en grutte minsken fermeitsje harren yn en om de Frjentsjerterfeart. En der is in grutte tankberens yn my. Fan 'e moarn yn tsjerke betocht ik my: 'Ik haw in wei fûn dit jier.' Underwilens begûn de gemeente te sjongen. De dirigint hie de gemeente blykber oproppe om it refrein mei te sjongen fan in liet dat it muzykkorps spile. En sa kamen de wurden op my ta: 'Grut is dyn trou, Wêzer, al wat ik nedich hie, hasto jûn.'

Der is in doar iepengien en ik haw in wei fûn. In wei dy't my yn de romte fan Gods leafde fiert, dêr't ik genêzing fyn en frijheid, ienfâld. It is in smelle wei - en de wylde dieren binne der noch lâns de kant - mar betiden kin dy smelle wei ek samar breed en wiid wurde fan oerstreamende goedens. Ik haw nochris de tekst fan Etty Hillesum opsocht oer it boatsje. Har skriuwen rekket my tige, har libben dat geandewei mear en mear ien grut petear mei God wurdt. Mei op de achtergrûn kamp Westerbork skriuwt hja: 'Men is 'thús'. Under de himel is men thús. Op elk plak fan dizze ierde is men 'thús', as men alles yn jin draacht. Ik haw my fakentiden field en ik fielde my noch as in skip, dat in kostbere lading binnenboard helle hat; de touwen wurde ôfsnien en no fart it skip, sa frij en sa troch alle lannen en alle kostbere lading fiert it mei him mei (Etty, 555).'

Dit wurkstik wie bedoeld as rispinge fan wat ik leard haw yn de oplieding oer de geastlike wei, oer geastlike begelieding en oer myn eigen wei. It is tagelyk in gearfetsjen, hifkjen en oefenjen wurden. Wat haw ik leard? Hoe kin ik it learde oersetten nei de praktyk fan de konkrete situaasje? Helpt it my om te ûnderskieden wat der bart yn dy situaasje? Wat wurket it yn de praktyk út op myn wei en yn myn wurk? Wat betsjut it foar de opbou fan de gemeente?

Dit wurkstik wie ek bedoeld as in utering fan Fryske spiritualiteit. Wêrom woe ik eins wat dwaan mei Fryske spiritualiteit? En wat is dat dan: in utering fan Fryske spiritualiteit? Wat betsjut it Frysk wêzen op myn eigen wei, op de geastlike wei en yn de geastlike begelieding? Op de ein fan dit wurkstik sykje ik nei in begjin fan in antwurd op dizze fragen. Ik lis in ferbining tusken myn eigen ûnderfining, wat ik leard haw yn de oplieding en in oanset ta in Fryske kontekstuele teology.

Dit wurkstik hat in persoanlike foarm krigen. Ik wol graach ûnder wurden bringe en diele wat ik sels leard en ûnderfûn haw. Dêrby tink ik oan de bekende útspraak fan Carl Rogers, dy't benammen ek troch Henri Nouwen oanhelle is: 'It meast persoanlike is it meast universele'. Elkenien stiet yn it spanningsfjild fan selsbelutsenheid en oerjefte. Elkenien hat te krijen mei stroffelstiennen en wylde dieren en yn elkenien is it langstme dat siket om ferfolging.

### *Myn eigen wei*

It leauwen hat altyd belangryk foar my west, as hâldfêst, as boarne fan ynspiraasje en as rjochtingwizer. En wat hat dizze reis my no brocht? Wat ik de ôfrûne jierren benammen leard haw is dat it leauwen in proses is. Leauwen is beweging, de wei yn it spanningsfjild fan de moeting mei God, fan sels it stjoer yn hannen hâlde nei oerjefte oan God. Ik haw leard dat dat gjin rjochtlinge wei nei it heechste punt ta is, mar it proses fan in slingertrep. Dêr gean ik rûn, dêr moetsje ik God, dêr kom ik yn de romte fan de leafde. Dêr is God dwaande my te foarmjen, my foar it ljocht te sjen, nei lichem, siel en geast. Dêr wurdt ik meinaam yn de beweging fan de Geast. Myn hiele bestean docht mei, ik kom alle aspekten fan it libben tsjin, alle moaie en minder moaie kanten, de klûnte en de stroffelstiennen, de jefte en de mooglikheden. Wat ik benammen lear is om alle dingen ûnder eagen te sjen, alles mei Gods goedens oan te sjen en dan te ûnderskieden wêr't it op oankomt. Sa kin ik groeie, dwers troch de dingen hinne, de djippte yn en de hichte yn, wurde wa't ik yn Gods eagen bin. Ik moat mysels hanthavenje op myn wei, mar dêr trochhinne kin ik tagroeie nei tafertrouwen. Ik kin net sûnder leauwen as hâldfêst, mar dêr trochhinne kin ik tagroeie nei it leauwen as út hannen jaan. Just yn myn swakkens wurdt de krêft fan Kristus sichtber, seit Paulus (2 Korintiërs 12: 9). Just yn de behoefte kom ik it langstme op it spoar. Just yn de eangst ûnderfyn ik de omfoarmjende krêft fan God yn myn bestean. Just yn de skuorren fan ús bestean is der romte foar God.

Wêr earne bin ik no op dizze wei? Op de slingertrep binne noch wylde dieren, dingen dy't my opjeie, ferstruie en ûnderút helje wolle. Mar ik lear om se te plak te setten. Ik oefenje om net bûten mysels te reitsjen, om ta mysels en ta God te kommen, my noegje te litten yn de romte fan Gods leafde. Dêr mei ik der wêze lykas ik bin, it bange minskebern en it leaflike minskebern, mei al myn mooglikheden en al myn falkûlen. Dêr fyn ik ienheid en hielheid en genêzing. Op de slingertrep binne ek noch moaie plaatsjes dêr't ik myn eigen byld mei oerein hâlde wol. Mar ik oefenje om my dêr net achter te ferskûljen, om foar it ljocht te kommen, om te ûntdekken wa't ik wêze mei en hoe't ik foarme wurd nei it byld dat God foar eagen hat. Op de slingertrep is der ek noch de ferlieding om oaren en mysels mei boaze eagen oan te sjen, prestaasjes en fertsjinsten ôf te weagjen. Mar ik oefenje om mei goede eagen te sjen. Dan sjoch ik hoe't God oan it wurk is yn minsken, hoe't de Geast ús wêzen, ús wurden en deden yn bloei bringt.

Alles wat ik de ôfrûne jierren leard haw, fielt - om it mei Etty Hillesum te sizzen - as de kostbere lading fan in skip, in rykdom dy't allerhanne frucht drage kin. Mar dan is der dat iene dêr't wy neat oan ôf of ta dwaan kinne, dat de touwen ôfsnien wurde. Ik besef dat dat djip en fier giet, it losmakke wurden en jin tafertrouwen oan de stream. Ik besef dat dat te krijen hat mei dy twa kanten fan de medaille: oanstriid en oerjefte, leafde en lijen, de donkere nacht en it heldere skôgjen, rêst en ûnrêst, stjerren en berne wurden. Doar ik my werklik ta te fertrouwen oan de stream fan Gods leafde?

Ik haw in wei fûn, dy't my yn de beweging bringt fan selsbelutsenheid nei oerjefte. Ik belibje dat as in kostber barren. Ik wit dat der noch in wei te gean is, mar ek dat ik my oan dy wei tafertrouwen kin. Ik wit dat ik noch yn myn sûndige skulp krûpe wol, mar ek dat ik foar it ljocht roppen wurd: 'Mins, wêr bisto?' Yn my is it langstme om fierder te kuijerjen en fierder te skriuwen. Want geandewei en skriuwendewei kom ik yn de romte fan Gods leafde en wurdt de eangst wei. Geandewei en skriuwendewei kom ik foar it ljocht en wurdt ik meinaam op de stream. Geandewei en skriuwendewei wurd ik it wûnder fan de ienheid gewaar, de ienfâld fan de leafde. Dy ienfâld groeit yn de wêzenlike moeting tusken God en de neiste en mysels. Yn dy moeting komme wy tagelyk ta ús djipste wêzen en ferlieze wy ússels yn de leafde fan God. Fertriet en freugde is der yn dy moeting, deun neist elkoar. Fertriet om de skuorren yn ús bestean en freugde om de hieljende goedens fan God dy't ús dêryn temjitte komt.

### ***De geastlike wei***

De geastlike wei is it omfoarmingsproses fan minsken yn it spanningsfjild fan de moeting mei God. Yn dit wurkstik haw ik nei dat omfoarmingsproses sjoen, benammen fan it model fan de omfoarmingslagen út dy't Kees Waaijman ûnderskiedt. Mar ek de stadia fan Willem fan Saint-Thierry kamen oan de oarder en bygelyks de ferbliuwen út de Ynderlike Boarch fan Teresa fan Avila. Fan Martin Buber lear ik dat al ús modellen needbousels binne. Elk model jout in bepaald ynsjoch, mar ropt ek wer fragen op. Yn wêzen giet it om de moeting mei de oar, om de relaasje mei God en ús omfoarming. Dy werklikheid is altyd oars en djipper as wy mei ús tinkbylden befetsje kinne.

De omfoarmingslagen fan Waaijman jouwe in helder ynsjoch yn belangrike aspekten fan de geastlike wei. Mar hoewol der sprake is fan in ynderlike logika (de beweging fan bûtenkant nei binnenkant, fan selsbehâld nei oerjefte), mis ik hjir in soarte fan trochgeande beweging yn it proses. Dy fyn ik mear yn de stadia fan Willem fan Saint-Thierry, dy't wer opnaam binne yn de trochgeande beweging fan de slingertrep. Dy trochgeande beweging is der ek dúdlik yn de Ynderlike Boarch fan Teresa fan Avila. Dêr fyn ik ek in protte oansprekkende bylden dy't te ferbinen binne mei de konkrete situaasje. Oan de oare kant ûnderfyn ik just by dizze beskriuwing (faaks mear noch yn in bepaalde útlis as yn de wurden fan Teresa sels) wer de falkûle fan de fraach: hoe fier bin ik op de wei? De ôfrûne jierren hawwe benammen de deiboeken fan Henri Nouwen en Etty Hillesum my elk op harren eigen wize tige oansprutsen. Ek dêryn is dúdlik it proses fan de geastlike wei te ûnderskieden. En ik merk dat dan dochs benammen it model fan Waaijman my wer helpt om dêr sicht op te krijen.

It belangrykste fyn ik, hoe dan ek, dat wy beseffe dat der yn de moeting mei God in wei te gean is, dat wy yn beweging brocht wurde. Sören Kierkegaard jout dat dúdlik oan mei syn warskôging tsjin

in deade tsjerke, dêr't de minsken allinnich noch mar as taskôgers oan de kant sitte en net mear yn beweging binne. De moeting mei God bringt ús yn in spanningsfjild. Sykje wy ús heil, de hielheid fan ús bestean, yn ússels of yn God? Draaie wy om God of om ússels, draait it om Gods keninkryk of om ús eigen keninkrykjes? Dit spanningsfjild kin him uterje op allerhanne mêden en yn allerhanne foarmen fan stim en tsjinstim, selsbelutsenheid en oerjefte, ferslaving en frijheid, eangst en leafde. Belangryk is dat wy de spanning úthâlde. Dat betsjut: net yn ús skulp krûpe, mar ús foar ít ljocht roppe litte, hearre en sjen en gewaar wurde hoe't God yn ús oan it wurk is. Dat betsjut ek: de realiteit fan ús bestean net ûntflechtsje, mar al it moaie en minder moaie oansjen mei Gods goedens en leare te ûnderskieden wêr't it om giet. Yn alles en troch alles hinne wol God ús omfoarmje nei syn byld. En it evangeelje leart dat just yn it minste God ús it measte temjitte komt.

### ***Geastlike begelieding***

Yn de geastlike begelieding kin men trije belangrike aspekten ûnderskiede: de romte om te wêzen, it sykjen fan de wei en de berte fan nij libben. Yn myn eigen wurden beneam ik dat as: yn de romte fan Gods leafde stean, ûnderskiede wat God útwurket yn ús libben en jin tafertrouwe oan de beweging fan Gods Geast. Ek hjir is de ynderlike logika fan de beweging fan selsbehâld nei oerjefte te finen. It hiele proses fan de geastlike begelieding - sa wol ik hjir noch tafoegje - kin men omskriuwe as: help om te ûntdekken wa't wy binne yn Gods eagen. Ta mysels komme en ta God komme, haw ik dat ek neamd. Yn de taal fan de psychology kin men dat beneame mei it proses fan selswurding en yn religieuze taal mei it foar it ljocht kommen fan Gods byld yn ús. Geastlike begelieding betsjut dus: sa nei elkoarren sjen en harkje, sa mei elkoarren omgean dat de oar yn djipste wêzen foar it ljocht komme en groeie kin.

Yn de geastlike begelieding is dus de hâlding fan minsken fan belang. Gearfetsjend wol ik hjir trije belangrike aspekten neame fan dy hâlding, dy't ek wer min of mear oerienkomme mei de trije aspekten fan de begelieding. It earste aspekt is de oanfurdiging. Elkoarren noegje yn de romte fan Gods betingstenleaze leafde freget dat wy ek elkoarren yn leafde oanfurdzje, sûnder betingsten, mei it ûnhuerige, mei itjinge dat der yn ús eigen eagen net wêze mei. Yn dy romte kinne minsken frij wurde om yn beweging te kommen en te groeien. It twadde aspekt is ûnderskieding, neamd as belangrykste jefte fan de Geast. Om ûnderskiede te kinnen wat God útwurket yn ús libben is kennis en ynsjoch nedich yn it proses fan de geastlike wei. Yn de keunst en kunde fan it ûnderskieden binne fierders empathy en kongruinsje fan belang. Empathy (it ynfielen) wol sizze: men moat jin ferpleatse kinne yn it belibjen fan de oar, hoe't dy de relaasje belibbet mei him- of harsels, mei syn of har fermidden en mei God. Dêrby moat men net tefolle opgean yn it belibjen fan de oar (mei uteringen fan sympathy of antipaty) mar ek net tefolle oan de bûtenkant bliuwe (mei it oandragen fan oardielen en oplossingen). En kongruinsje (it oerienkommen) wol sizze: men moat sels echt en autentyk wêze, jin net oars foardwaan as men is, fan binnen net oars wêze as fan bûten. Hjir jildt dus: men kin in oar net fierder op de wei helpe as dat men sels is. Hoe mear ik thús bin by mysels, helderheid haw oer myn eigen wei, nammerste mear kin ik beskikber wêze foar de oar. It tredde aspekt is trochskinendheid, transparânsje. It belangrykste fan de geastlike begelieding is dat it ljocht en de leafde fan God troch ús hinne skine kin foar de oar. Foarop stiet net wat ik doch mar wat God útwurket. Ik moat just romte meitsje en net yn it paad stean, yn it ljocht wei wurde en liet wurde.

### ***Geastlike begelieding en de gemeente***

Geastlike begelieding is neffens my fan belang foar elk mins, mar ek tige fruchtber foar de opbou fan de gemeente. De begelieding kin foarm krije yn in spesjaal ôfsprutsen trajekt fan moeting en petear tusken twa of mear persoanen. Mar it kin ek foarm krije as in aspekt fan allerhanne relaasjes en situaasjes, fan allerhanne aktiviteiten en beuzichheden, as in aspekt fan pastoraat of liturgy, ûnderhâldswurk en diakonaat, kollegiaal oerlis en gemeentejûnen, tsjerkeriedsgearkomsten en belied. Ik wol besykje it belang fan de geastlike begelieding oan te jaan mei fjouwer kearnwurden: dialoach, beweging, yntegraasje en ienfâld.

De geastlike begelieding bepaalt ús der by dat de gemeente net libbet fan de organisaasje en de lear, mar fan de libbene moeting mei God en de neiste. Yn dy moeting komt de mins en de mienskip ta

wêzen. Tige belangryk dêrby is tink ik dat der werklik romte is foar dialooch mei God, as de dragende en foarmjende krêft fan de moeting mei de neiste. Dat freget benammen oandacht foar Skriftlêzing en gebed, as wurd en antwurd yn de dialooch. Net allinnich as yndividu mar ek as mienskip kinne wy finzen reitsje yn selsbelutsenheid en de moeting mei God út it each ferlieze. It omgean mei de Skriften, oandacht foar it gebed en geastlike begelieding binne neffens Eugene Peterson de dragende dielen fan it wurk fan de predikant. De predikant is gjin ûndernimmer, mar foargonger op de wei fan harkjen en antwurdzjen, fan mins wurden yn de romte fan God.

Sitte wy yn tsjerke as taskôgers lâns de kant of komme wy yn beweging? Is der yn de drokte fan ús bestean romte foar wêzenlike moeting mei God en de neiste? Beseffe wy hoe't minsken groeie en opbloei kinne yn de romte fan Gods leafde, yn it bewust wurden fan Gods foarmjende hân, yn de beweging fan de Geast? Geastlike begelieding kin ús helpe om ta de kearn te kommen: ús net ferlieze yn aktiviteiten foar taskôgers, mar fragen stelle dy't yn beweging bringe. Wêr bisto? En wat is dyn langstme? Hoe sjochsto nei dysels? En hoe soe God nei dy sjen? Wat makket dy ta slaaf? En wat bringt dy just yn de romte? Wat binne dyn stroffelstiennen? En wat soe der yn dy ta bloei komme kinne? Wy kinne elkoarren mei boaze eagen yn hokjes stopje en feroardielje: te tsjerklik of ûntsjerklik, te evangelikaal of ûnferskillich, te frijsinnich of fûnemintalistysk, te emosjoneel, tradisjoneel of eksperiminteel. Sa steane wy elkoarren yn it paad en keare wy de groei op. Belangryk om yn beweging te reitsjen op de geastlike wei is tink ik dat wy oefenje om elkoar mei Gods goedens oan te sjen en dan meiinoar te ûnderskieden wêr't it werklik om giet. Dat ferdriuwt de eangst, dat bringt binnen yn de romte fan de leafde dêr't minsken foar it ljocht komme kinne.

Wat fan God komt dat bout op en makket ien, seine de woastynfaars, en wat fan de duvel komt dat brekt ôf en ferstruit. Ek dêr is ûnderskieding wer belangryk. Somtiden moatte der ommers just ek dingen ôfbrutsen wurde, maskers en muorren bygelyks, om romte te meitsjen foar de beweging fan de Geast. Mar wat fan God komt dat makket dus ien. Sa wurdt der ek wol sein: hoe tichter minsken by God komme, nammerste tichter komme minsken ek byinoar. Geastlike begelieding hat in yntegrearjende wurking yn it libben fan minsken. Wy leare derfan dat wy yn it sykjen nei selsbehâld ferstruid en ferskuord reitsje yn allerhanne drokte, soargen en belangen. Mar as wy ús nei God takeare dan wurde wy meinaam yn in hieljende en ienmeitsjende beweging. Dizze yntegrearjende wurking kin op alle libbensmêden in heilsame ynfloed hawwe. Bygelyks it oefenjen yn oandachtich libben, yn plak fan jin ferstruie te litten troch alle drokte. It bliuwen yn de sel, yn plak fan de wrâld rûn te reizgjen op jacht nei it ultieme gelok. It ta jinsels en ta God kommen, yn plak fan it jin ôfmjitten oan de oardielen fan bûten ôf. It ûnder eagen sjen en oemarmjen fan wat der net wêze mocht, yn plak fan it ôf te snijen en te feroardieljen. It elkoarren oansjen as byld fan God, yn plak fan as oanfaller of konkurrint. Oandacht hawwe foar de ienheid fan lichem, siele en geast, yn plak fan it bestean yn stikken te knippen.

Wat fan God komt makket ien. God is ien. God is ien-fâldich. Ik haw my der de ôfrûne jierren betiden oer fernuvere, hoe ienfâldich de dingen yn de kearn binne. Moatte wy dêr no in jierrenlange oplieding foar folgje? En tagelyk, hoe muoilik is it om ta dy kearn, ta dy ienfâld te kommen. Dat is tink ik krekt it spanningsfjild fan de geastlike wei. 'It giet mar om ien ding' seit Jezus yn it ferhaal fan Marta en Maria. Mar wy ferlieze ús yn in wrâld oan dingen, dy't ús ferstruie en finzen hâlde yn ús selsbelutsenheid. 'Om mei God te kuijerjen moatte jo rêstich rinnen gean,' sei de man út Sina, 'jo moatte in sel foar josels bouwe sadat jo foar josels dwaan kinne wat ferfolging foar my dien hat - it libben fersimpelje en God kenne.'

### ***Fryske spiritualiteit***

It wie nij foar my om op dizze wize in tocht te rinnen en dy sa te ferwurkjen. Tagelyk betocht ik my geandewei: sa haw ik winliken altyd al rûn. Nei bûten ta, de stilte opsykje, de wrâld op my ynwurkje litte, de dingen yn my omgean litte en mei of sûnder wurden de moeting mei God sykje. Ik besef dat ik dêr earne by it wêzen kom, by de woartels of de boarne fan myn bestean. In wêzen dat sterk ferbûn is mei en foarme troch dizze kontreien, dizze natuer, dizze taal, dizze kultuer, dizze mienskip. Dit wurkstik is mar ien utering fan Fryske spiritualiteit en oaren sille harren grif wer hiel oars úterje. Mar yn dizze ferbining leit tink ik earne it eigene fan in kontekstuele teology en fan eat

as Fryske spiritualiteit. By spiritualiteit giet it om de beweging fan minsken yn it spanningsfjild fan de moeting mei God. By Fryske spiritualiteit giet it dan om dy beweging fan minsken yn harren ferbining mei de Fryske kontekst: lânskip, taal, kultuer en mienskip.

Ik wit dat dy ferbûnens in sterke krêft is, dy't mysels en oaren driuwt en yn beweging bringt. Oan de iene kant leau ik, dat dy krêft in ûnderskiedende tsjinstim nedich hat: wat bout op en wêryn lit ik my meislepe? Oan de oare kant leau ik, dat dy krêft folle mear foar it ljocht komme kinne soe, as in wêzenlike krêft yn it libben en leauwen fan minsken. Ik tink dêrby oan it byld dat Titus Brandsma brûkt yn 'Mystiek en pseudomystiek': ús natuer is op God stimd en Gods stim resonearret yn de snaren fan ús siele. Ek as God net sprekt, 'it roeren fan dy snaar troch oanreitsjen mei it skepsel jout gjin oare toan, as dy't God dêryn wjerklinken dwaan soe, as Er spriek.'

### *Lagen yn de Fryske kontekst*

Yn myn ferbûnens mei en foarming troch de Fryske kontekst kin ik trije lagen ûnderskiede. De earste laach is it leauwen en de kultuer dy't ik fan jongs ôf meikrigen haw en dêr't ik yn woartele bin. It leauwen is ferweefd mei de Fryske achtergrûn. Wy praten thús Frysk, liezen út de Fryske bibel en bernebibel, der waard yn it Frysk bidden, wy liezen in protte Fryske boeken en makken ús sa ek de skriuwtaal eigen, dy't wy net op skoalle learden. It Fryske Lieteboek foar de tsjerken wie der yn myn jonge jierren noch net, mar Fryske oersettingen waarden fan ferskate kanten byinoar garre. Us heit sette him yn foar Fryske tsjerketsjinsten. Psalm 42 wie de psalm fan ús mem, mar wol yn in Fryske beriming. Fierders songen wy út Blide Stimmen (sneinsskoallelieten) en De gitaer by it boek (bibellieten fan Fedde Schurer). Neist dizze kristlike sjongboeken wiene dêr ek it Frysk Lieteboek en Fryslân Sjongt, mei rubriken as: lieten oer Friezen en Fryslân, histoaryske lieten, lieten oer wetterwille, natuerlieten, leafdeslieten en geastlike lieten. En dan wie der bygelyks noch it rûnom bekende sjongstik fan Selskip Tetman de Vries 'De tiid hâldt gjin skoft', dat de tiden fan it jier yn Fryslân besjongt. Leauwe, kultuer en natuer binne yn dizze (net-tsjerklike) sjongkultuer op in bysûndere wize meiinoar ferbûn. Bygelyks yn de Simmersang fan Tetman de Vries: 'Dan is it simmer, simmer yn natoer, dan bringe wy tank oan it grutte wrâldbestjoer.' Of yn it prachtige liet fan Gysbert Japix by it opgean fan de sinne: 'Wolkom freugde fan 'e wrâld, haadljocht oer 'e stjerren, griente, krûd en blommefâd, mjitter fan ús jierren, himeleach, dy't al oersjocht, dy ús dauw' en mist ûnttsjocht, dy ús 't fjild bemielet, ja, mei goud oerstrielet.'

Dizze (sjong-)kultuer wie en is in belangrike ferbinende skeakel tusken tsjerklike en net-tsjerklike fermiddens. Mar tagelyk wiene der fan jongs ôf ek de skerpe skiedings tusken kristliken en iepenbieren en ûnder de kristliken dan nochris tusken herfoarmen, grifformearde, Menisten en wat der fierder mar wie. Wy gongen de iepenbiere skoalle en herfoarme tsjerke yn Wiuwert foarby nei de kristlike skoalle en grifformearde tsjerke yn Boazum, dêr't ek noch in herfoarme tsjerke, in evangelisaasjegebou en in iepenbiere skoalle wie. En ûnderweis nei skoalle ta wie der betiden de bekende reboelje tusken de iepenbieren en de kristliken. No, safolle jier letter yn Winsum, binne dyselde skiedings noch goed te fernimmen, al binne se wol folle minder wurden. No ûntsteane der kontakten tusken minsken dy't elkoar eartiids foarby rûnen. No fernimme wy ek fan elkoar hoe't dy skiedings fan wjerskanten djippe, faak pynlike spoaren makken.

De twadde laach kom ik tsjin as ik my ferdjipje yn de histoarje fan Fryslân, mei alle rykdom en skaadkanten, oertsjûging en út de bocht fleanen. Ik tink bygelyks oan ús kuiertochten yn it spoar fan grutte geastlike foargongers en om de eardere kleasters hinne. Ik sjoch en priuw de skiednis yn it lânskip, yn taal en kultuer, yn it leauwen en de mienskip. Anna Maria fan Schurman mei har begeastering en it mienskipslibben fan de Labadisten sit my as Wiuwerter hast yn it bloed. Menno Simons mei syn radikale libbenswize fan it evangeelje út wurket troch yn it oandiel fan Menisten yn de Fryske tsjerken en kultuer. En Titus Brandsma is noch yn libben ûnthâld, mei syn heldere fisy, djippe oertsjûging en ynset foar de Fryske taal en kultuer. Ik rin oer diken dy't oanlein binne troch kleasterlingen, ik sjoch om my hinne alle tsjerken dy't hja bouden op de terpen, mar ik tink ek oan harren betizing yn de striid tusken de Skieringers en Fetkeapers. Ik besef hoe't de skiednis fan frijsinnichheid en rjochtsinnichheid yn de doarpen alles te krijen hat mei de eigen Fryske situaasje, dat eartiids lâneigeners en oerheid in grutte stim hiene yn it beroppen fan predikanten (In eigen teology?, 81). Yn in petear mei kollega's krije wy it oer de betsjutting fan Bonifatius en Willibrord



foar it tsjerklik libben yn Fryslân eartiids en no. Bonifatius dy't besocht om Fryslân binnen de sintrale Romeinske oarder te bringen en Willibrord dy't fan de Iers-Keltyske tradysje út mear each hie foar de ferwoarteling fan de mienskip yn de eigen kultuer (Europa: Bonifatius en de Friese landen, 315 e.f.).

De tredde laach is dy fan it Fryslân út de foar-kristlike tiid. Dit spoar ûntdek ik pas de lêste tiid. Yn 'In eigen teology?' ferbine Ype Schaaf en Hinne Wagenaar harren ûnderfining mei kontekstuele teology yn Afrika mei de eigen kontekst yn Fryslân. Identiteit ûntstiet net pas as it kristlik leauwen in lân binnenkomt. Mar it kristlik leauwen krijt mei foarm troch de identiteit fan it folk en de minsken fan dat lân. De sindelingen yn Afrika hawwe bygelyks de klam lein op de kontinuïteit yn it leauwen. De God fan Israël waard bekend makke as de skepper God, dy't de minsken al koenen út har oarspronklik leauwen en dy't him no troch it evangeelje iepenbieret yn Kristus. Mar yn Fryslân wie der just sprake fan diskontinuïteit. By de kerstening waarden hjir de oarspronklike godsbylden just ferwoaste. Wat betsjut dat yn it bestean fan minsken? Wa is God en wat binne winliken ôfgoaden? Hawwe de minsken yn Fryslân foar de tiid fan Bonifatius God net socht? Hawwe hja neat fan God fûn, yn harren langstme nei frijheid, stribjen nei rjocht, bouwen oan al dy lytse mienskippen op de terpen? Mar ek yn dizze laach binne dêr de stim en tsjinstim, it spanningsfjild tusken identiteit en moaie plaatsjes, tusken ynkulturaasje en pylger bliuwen (Mei it wiffe skip, 243).

### ***Fryske spiritualiteit, geastlike begelieding en de geastlike wei***

Ik moat bekenne dat ik ynearsten my yn dit lêste haadstik wat ôfmakke hie fan it ûnderwerp Fryske spiritualiteit. Ik merk dat ik noch altyd in triuwke nedich haw om it belang dêrfan yn mysels werklik oan te sjen. Mar yn de romte fan de geastlike begelieding lear ik dat ik foar it ljocht komme mei, just yn myn eigenheid, dy djippere lagen dêr't ik by myn wêzen kom, de identiteit, de boarne en woartels fan myn bestean. Alles oansjen mei Gods eagen en dan hearre en sjen en gewaar wurde hoe't God my foarmje wol, yn myn eigenheid, mei myn jeften en mooglikheden. Dêr heart dus it Frysk wêzen by. It foarbygean oan de sosjale en kulturele identiteit liedt ta antropologyske earmoed, seit Ype Schaaf (In eigen teology?, 13). Dy earmoed ûntstiet as minsken bestellen wurde fan harren identiteit, weardichheid, frijheid, tinken, skiednis, taal en leauwe.

Oandacht foar Fryske spiritualiteit is belangryk tink ik, foar mysels en foar de tsjerken. It hellet my út de earmoed fan it ôfsnijen fan in part fan mysels. It bringt my yn de romte wêr't ik der wêze mei lykas ik bin. Op de geastlike wei wurde wy yn de moeting mei God omfoarme nei it byld dat God foar eagen hat. Dat byld giet net bûten ús eigen identiteit om, mar bringt dy just ta bloei. Yn it begjin fan de oplieding Geastlike Begelieding waard ús frege: 'Wat is dyn langstme?' Ik haw doe opskreaun: 'De goede krêften foar it ljocht komme litte ûnder de ûnwissichheid wei.' Ik stean mei myn beide fuotten en mei myn hiele wêzen yn de Fryske kontekst en dat wol ik graach as in goede krêft beneame en foar it ljocht komme litte.

Oandacht foar Fryske spiritualiteit is tink ik ek belangryk foar de tsjerken. Waaijman ûnderskiedt trije grûnfoarmen fan spiritualiteit. Primordiale spiritualiteit is ferbûn mei ús alledeiske bestean, ús bertegrûn, ús libbensrin en ús relaasjes. Skoallen fan spiritualiteit krije foarm yn godstsjinstige en libbensbeskôgljike tradysjes, yn tsjerken, mienskippen en bewegingen mei in bepaalde oertsjûging en ynrjochting. En tsjinbewegingen ûntsteane yn wikselwurking mei en reaksje op de hearskjende oarder fan godstsjinst of kultuer. Yn de lagen fan de Fryske kontekst binne dizze grûnfoarmen fan spiritualiteit as stim en tsjinstim op allerhanne wize te ûnderskieden. Dat jout in protte stof ta neitinken en in protte mooglikheden. Hoe sit it mei de ferhâlding tusken de âlde Friezen en de kristlike sinding bygelyks, of tusken Bonifatius en Willibrord, Friezen en net-Friezen, kristliken en iepenbieren? Hoe sit it yn al dy doarpen mei safolle heal of hiel lege tsjerken? Wat sykje en fine de minsken, binnen en bûten de tsjerken? Wat is primordiaal? Wat is tsjinbeweging? Wêr fine minsken harsels? Wêr fine minsken God? Hoefolle romte is der yn al dy tsjerken foar de eigenheid fan minsken en foar wêzenlike moeting mei God en mei elkoar?

Ik hâld it hjir foarearst by dizze fragen. Faaks haw ik in nije kuiertocht nedich om dêr in antwurd op te sykjen. Ien ding wol ik noch sizze. Ik merk ta myn ferwûndering en freugde dat yn de beweging op de geastlike wei doarren iepengean en muorren ferdwine. Hast fansels groeit de romte fan wêzenlike moeting, binnen en bûten de tsjerke, mei God en mei de minsken om my hinne. Dat makket my tankber.

## LITERATUER

- Augustinus, Aurelius - Belijdenissen, Baarn 1985
- Borg, Marcus - Nooit kenden wij God aldus, Zoetermeer 1998
- Bouwman, Kitty en Kick Bras (e.o.) - Werken met Spiritualiteit, Baarn 2001
- Boyd-MacMillan, Ronald - Volharden in geloof, Zoetermeer 2008
- Buber, Martin - Dialogisch leven, Utrecht 2007
- Dam, Gideon van - Dichter bij het Onuitsprekelijke, Baarn 2003
- Derkse, Wil - Een levensregel voor beginners, Tiel 2001 (6e printinge)
- Egmond, A. van - Heilzaam geloof, Kampen 2001
- Freeman, G.P. (e.o.) - Franciscus van Assisi, De geschriften, Haarlem 2004
- Guenther, Margaret - Holy listening, London 1992
- Hammarskjöld, Dag - Merkstenen, Helmond 1989 (8e printinge)
- Hillesum, Etty - Etty, De nagelaten geschriften van Etty Hillesum 1941-1943, Amsterdam 2008 (5e printinge)
- Lisieux, Thérèse van - Mijn levensverhaal, Moerzeke 2001
- Louf, André - De genade kan meer, Tiel 2003
- Maas, Frans - Spiritualiteit als inzicht, Zoetermeer 2002 (2e printinge)
- Nouwen, Henri - Keerpunt, Tiel 2002
- Peterson, Eugene H. - Dragende delen, Gorinchem 1999 (2e printinge)
- Popkema, Jan (e.o.) - Mei it wiffe skip, Nei hûndert jier Kristlik Frysk Selskip, Ljouwert 2008
- Saint-Thierry, Willem van - De Gulden Brief, Kampen 2005
- Smeets, Wiel - Mystagogie vanuit de optiek van de mystieke weg, [www.smeetsadvies.nl](http://www.smeetsadvies.nl)
- Stinissen, Wilfried - Verkenning van de Innerlijke Burcht, Gent (sûnder jiertal)
- Waaijman, Kees - Spiritualiteit, Kampen/Gent 2003 (4e printinge)
- Warren, Rick - Doelgericht leven, Vaassen 2003
- Wagenaar, Hinne - Europa: Bonifatius en de Friese Landen, yn: Kerk en Theologie, jiergong 57, nû. 4, oktober 2006, 315-337
- Wagenaar, Hinne, Ype Schaaf en Anne van der Meiden - In eigen teology?, Dokkum 1999

